


# LIBBENS WYSHEIT



In samling Fryske sprekwurden  
en sizwizen neisjoen fan  
**A.M.Wybenga**

LIBBENSWYSHEIT

*Twadde, formeardere printinge*

# LIBBENSWYSHEIT

*In samling Fryske  
sprekwurden en sizwizen*

neisjoen fan  
**A. M. WYBENGА**



De Tille – Ljouwert

## TALJOCHTSJEND WURD

Der wie forlet fan in twadde printinge fan ús samling Fryske sizwizen. En nou moast dit boekje ek nedich foar 't gebrûk forbettere en forgiveate wurde. Dêrom telt it in 170 sprekwurden mear as de earste printinge. Inkelde útdrukkings binne forfallen om't hja net sa goed yn 't kader pasten. Fan guon binne de taljochtings foroare of oanfold. It wie ús bynammen om sokke sizwizen to rédden dy't in symboalske bitsjutting hawwe. De folkswysheit, dy't de ieuwen ús oanbrochten fine wy yn it sprekwurd oanjown, libbet yn 'e mûle fan de minsken en wurdt yn sprekwurdsamlingen fêstlein.

Dêrom haw ik ek eardere samlingen neisneupt. Dêr blykte my út, dat der gâns binne, dy't itsij gelyk of in bytsje foroare, noch by it folk fuortlibje. Sokken haw ik fansels sùnder birie opnommen. Ek wiene der guods, dy't net sa bikend mar dochs noch tige typearjend binne, en dy haw ik mei boarne-oanwizing hjir plak jown.

Fan forskaten haw ik der in boarne by opjown, om útkomme to litten hoe't in sprekwurd, dat by ús noch yn gebrûk is, ek al nêst jierren en tiden yn swang wie. Fierders binne de algemien bikende sùnder boarne-oanwizing opnommen.

Uteraerd moast ik, fanwege it bistek fan dit boekje, in kar dwaen. Dêrom binne der sa goed as gjin opnommen dy't út har sels wol dûdlik binne en dêr't dus gjin forklearring by fanneden is.

Oer 't gehiel haw ik my mijd fan sokken dy't ek yn it algemien Nederlânsk foarkomme. Dêr sit sasear gjin typysk Frysk yn, en dêr is it yn dit boekje om to rédden. Moai soe it wêze as letter in boekje útjown wurde koe, dat dizze skiften dy't ik nou lizze litte moast, in bytsje folstein opnaem.

Wie de earste printinge wol sahwat op 'e rang fan it abie, mei dit boekje is dat fierder trochset, wy hoopje, dit sil de brûkberens bifoarderje. In listje fan'e wurden dy't it measte yn de sizwize bitsjutte, kin de brûker achteryn fine.

Om't de hear De Haan dy't de earste printinge mei forsoarge hat, it tsjinwurdich oars to drok hat, is dit wûrk nou foar my allinne opkommen. De wearde fan soksoarte sizwizen waerd nêst trije hûndert jier ek al ynsjoen. Carel Georg (Jurjen) fan Burmania dy't yn 1614 op Burmaniastate to Stiens wenne, hat der wûrk fan makke en skriuw sokke sizwizen op. Hy hat sa'n tolft hûndert sprekwurden, spreken en sizwizen yn hânskrift neilitten.

Inkelde dêrfan libje noch en binne dan ek yn dizze samling opnommen mei boarne-oanwizing. Ta bislút jow ik út dizze list hjir noch inkelde oaren, dy't hoewel't hja op ien nei, nou net mear yn de tsjinwurdige sprektaal foarkomme, dochs noch wûndere goed forstien wurde kinne.

It is in kwea paed, dat men net mear as ien kear gean kin.  
 Wie er sawn foet ûnder de ierde, hy wie net fier út 'e wei.  
 Komt de nije brask oan it âld wammes, dan skuorre de fitergatten út.  
 Ried foar died.  
 Kwea hinnen dy't de aeijen weilizze en thûs komme to iten.  
 De oankommende roazen binne sa goed wol as de ôfgeande.  
 Lytse poatten rinne gau oer.  
 Hoe ealer hout, hoe bûchsumer twiich.  
 Hy kin him oan in strie stjitte, dat it hiele hûs daveret.  
 Men moat ite, al wurde ek alle beammen galgen.  
 De wierheit hat in skel lûd.  
 Lang festjen is gjin breasparyen.  
 Hwat men de kat mear strykt, hwat heger sy de rêch stekt.  
 Mei goed folk is 't goed dwaen, sei de koster, en teach ús Leave-Frou  
 de rôk út.  
 Minsken moatte folle lije of ier stjerre.  
 Mei fierders dit boekje noch meiwurkje ta wurdearring fan it eigen  
 folk, dat leard fan it libben en yn forsteane fan dit libben syn wysheit,  
 bynammen yn ûnderfinning opdien, yn syn sprekwurden en sizwizen  
 uteret.

Easternijtsjerk

A.M. Wybenga

Neiskrift. A.M. Wybenga hat dizze nije biwurking fan In samling  
 Fryske sizwizen (mei J. de Haan) útjown to Snits yn 1939, printré  
 makke yn de jierren 1946-57. Hy is forstoarn op 9 septimber 1948.

## FORKOARTINGEN FAN OANHELLE BOARNEN

A.	Lexicon Frisicum A. Hânskrift fan 920 blêdkanten dêr't J.H. Halbertsma in mannicthe fan sizwizen yn optekene hat, mei forklearings.
B.	Lexicon Frisicum B. In lyksoartich hânskrift fan 576 bledkanten.
Burm.	C. Georg fan Burmania. In hânskrift mei sprekwurdesamling, út it jier 1614.
Fr.W.	Fries Woordenboek, biwurking fan Waling Dykstra.
G.J.	Gysbert Japiks.
Lex.	Dr. J.H. Halbertsma: Lexicon Frisicum A. Feer 1874.
R & T.	Rimen en Teltsjes fan de Bruorren Halbertsma.
Salv.M.S.	Manuscript fan C. Salverda mei Fr. Sprekwerden.
Telt.M.S.	Manuscript fan Mr. A. Telting: Der Oude Frije Friezen Spreekwoorden.
U.F.V.	Uit Frieslands Volksleven fan Waling Dykstra.
V.F.	De vlugge Fries, fan S.K. Feitsma.
Wierz. f. M.J.	Wiersizzerij fan Maeike Jakkeles.

# A

1. *Hy moat wer fan de a ôf bigjinne.*

De a is de earste letter fan it abie. Slacht op immen, dy't syn sinten kwyt is en nou de saek op 'e nj opset.

2. *It wurd altyd hwat, in geld aei of in dea pyk.*

Iron. Bidoeld wurd, der komt op gjin boege hwat goeds fan tolânne.

3. *Dat aei is kniesd, – is brutsen.*

De freonskip is yn't bilúnjen, – is út.

4. *As dat aei ris brekt dan sil 't ek stjonke.*

As de (al to oerdreaune) freonskip útrekket, dan wurde fan wjerskanten de lekken en brekken (it forkearde) oplézen.

5. *It aei wol wizer wêze as de hin. (U.F.V.)*

De jeugd forbyldt him mear forstân fan 't spul to hawwen as de älterdom.

6. *'k Wit wol fan hwat aei hja útbret is.*

Fan hwat skaei hja is. Al meast yn ûngunstige sin.

7. *Men moat net alle aeijen ûnder ien hin lizze.*

Men moat net alles ynienen weagie. Net alles op ien kaert sette, mar it jild op ûnderskate plakken bilizze.

8. *Hy sit op fûle aeijen. (U.F.V.)*

Letterlik fan in bern, dat in smoarch ruft hat. Fig. fan immen, hwaens saek mei skuld biswiere is.

9. *Dy't aeijen hat, kin doppen meitsje. (U.F.V.)*

Dy't jild hat kin der hwat mei dwaen.

10. *Men kin der âld by wurde.*

By it mei wysheit genietsjen fan hwat de ierde opleveret. Ek op de rjochte wize profitearje fan de wysheit fan 'e wrâld.

11. *Ald moat nij sortsjinje.*

Men moat yn âlde klean arbeidzje om letter nije keapje to kinnen.

12. *Gjin âlde kij út 'e sleat helje.*

Gjin âlde kjeses opikkerje, dan bigjint it to stjonken, lyk as by 't op-heljen fan forsúpt fé út it wetter.

13. *De gaven komme mei it amt.*

Iron. Wurdt in dom persoan op in heech plak set, dan is der fan him net folle to forwachtsjen om't it amt sels de gave net meibringt.

14. *Dat stiet as in brette apel op in stôk.*

Dat past net byinoar.

15. *'t Is like folle apels of parren. (U.F.V.)*

Wurdt sein, as men foar dôvemansdoar praet, as gjin argumint, hokfoar ek yngong fynt. Dus fan beiden neat.

16. *Dêr hoecht syn azem net oer.*

Dêr hoecht hy him net mei yn to litten. Dêr winskje ik him net by to hawwen.

# B

17. *It komt in dea baerch op in stek net oan.*

Der is neat mear oan him to bidjerren. Iron. Immēn dy't forkeard hijt to wézen, kin men fan alles wol achternei jaen. (doch men tominsten)

18. *Men kin gjin twa rēgen út ien baerch snije. (U.F.V.)*

Eat dat men forkoft of opmakke hat, kin men net foar de twadde kear fan 'e hân dwaen.

19. *Dy't de baerch ringet, moat him it gûlen treaste.*

As men hwat úthelje wol, moat men der rekken mei hâldē dat der minder noflike kanten oan 't saekje sitte.

20. *Der giet neat foar de baes sels.*

Om in saek goed to bioarderjen moat der man dy't it oangiet der sels by wêze en/of de hannen ústekke.

21. *Hy sprekt as de balstiennen by âlds.*

Seit jin de tiid fan de dei net; neat sizze.

22. *Hy gûlt mei bargetriennen.*

Syn drôfenis is net echt. Hâldt him wol oft er skriemt, mar kin dat likemin as in baerch.

23. *It wurdت bargebiten.*

Earst binne de bern meinoar oan it boartsjen, lyk as de bargen dat ek dwaen kinne, op't lêst tichelje hja elkoar ôf, lyk as de bargen mei har skerpe tosken ek op elkoar ynbite.

24. *Smoarge bargin dije it bést.*

Forgoelikjend sein foar bern dy't der wol gauris ûnhuerich útsjogge.

25. *Dêr hat de bakker syn wiif trochjage.*

Men seit dat fan in bôlle dy't by 't trochsnijen mei gatten „pronket”.

26. *Hy sprekt balken midstwa.*

Hy is pochhâns, in opsnijer.

27. *Op eigen banneboet.*

Fan: ban en boete. Op eigen forantwurding.

28. *Earne net bankje kinne.*

Earne gjin sit hawwe, net wéze meije, jin net ta wenjen sette kinne, om't it jin únmooglik makke wurdt.

29. *It kin better fan 'e skeaf as fan 'e bân. (V.F.)*

It kin better fan in rike as fan in earme.

30. *In beam falt fan ien slach net.*

Men moat forskate slaggen mei de bile dwaen, ear't in beam omkappe is. Fig.: As in minske alris in slach (bynammen fan syn evenminskens) kriget, dêr hoecht er him noch net om to foroarjen, dêr is syn oansjen noch net mei wei.

31. *Yn 'e beane wéze.*

Beane, bynammen bloeijende, hawwe in bidwelmjende, ta sliep bringende ynfloed. Fig.: Men hat alle fiif sinnen net rjocht byinoar. Ek: yn' e war wéze.

32. *Wy hawwe it dêr as smoarge beane.*

Wy hawwe it dêr tige bêst. Smoarch, mei smoar (= fet).

33. *Fan dy boer gjin beane.*

Dêr moat ik neat fan hawwe. Men wit der neat fan op hokfoar wize hy ús bisjaggelje sil.

34. *It bêd foar in oar ré meitsje.*

Eat mei lijen en kosten opsette, dêr't in oar de wille en de fortuten fan hat.

35. *Mei eigen spot op bêd.*

Mei immen trouwe, dêr't men yn 't foarige de gek mei hie.

36. *It spul moat net by my op bêd komme.*

Men bidoelt, deis sa goed jins bêst dwaen om 't spul goed to forsoargjen dat men der nachts gjin lêst fan hat, mar lekker sliepe kin.

37. *Altyd it like beest wéze. (lilk = Holl. lelijk)*

Oeral altyd de skuld fan krije, de sündebok wéze.

38. *Dy't bern útstjürt, kriget bern werom. (U.F.V.)*

Stjürt men in bern, dan hat men alle kâns dat it heal boadskip docht.

39. *Hy kriget sin oan oare lju's bern.*

Wurdt sein fan in jongfeint dy't oer frijen en trouwen bigjint to prakkesearjen.

40. *As 't bern mar in namme hat.*

Bidoeld wurdt: it komt net sasear op'e namme, as wol op'e sack oan.

41. *It bern is der, it moat ret wurde.*

Hwat bard is, nimt gjin kear, men moat der mei trochpakke.

42. *De jongste (lytste) bidler moat de koer drage.*

Faek ironysk brûkt. Wurdt sein fan de jongste (lytste) dy't it wark dwaen moat.

43. *Hy kin himsels bidrippe.*

Fleis en fûgelguod waerd alear bret oan it spit, dat boppe it fjûr draeije koe, wie dat fetternôch, dan koe it himsels bidrippe; sa net, dan liet de hûsfrou der bûter op drippen. Fig. sein fan immen, dy't bûten in oar syn help troch de tiid komme kin.

44. *Hwat de iene bireint, kin de oare bidrippe.*

De bidoeling is immen, dy't opsprekt om't úngemak him noch net troffen hat of ek om't hy net yn 't kwea foel, dat in oar ta fal brocht, to warskôgjen, dat it him noch wol helte slimmer òfgean kin, alteast ek oerkomme.

45. *Hy is fan de bihâldende partij.*

Iron. deun, gjirrich.

46. *It blau-blau litte.*

Der net wer oer prate. It stil gewurde litte.

47. *Hy hat my aerdich bliede litten.*

Hy hat my jild úntfytmanne, dat him mar heal takaeem, sadat myn bosit der vrijhwat ûnder lit hat.

48. *It is in blyn spul.*

In saek, dêr't men foarút net fan sjen kin, hoe't dy útlotsje sil, it is net to birekkenjen.

49. *It bislacht yn stilte.*

It like earst gâns, en dêr is neat fan tolânnre kommen.

50. *Dêr moat ik my earst nochris oer bisliepe.*

Dêr rin ik daliks sa hûrd net mei; soms in freonskiplike wegering.

51. *It bledtsje is omkeard.*

De saek is krekt oarsom, meast de forkearde kant út.

52. *It is mei him allegaer krop en boarst.*

Hy is in greatske keardel, krop en boarst komme wakker foarút.

53. *Men moat mar yn'e bocht kinne.*

Fig. Jin bûge foar de minsken, bynammen foar de greaterere lju.  
(om dêr sels hwat mei to bidijen)

54. *De bocht om'e earmtakke ha.*

Genôch sinten om sùnder ûngemakken de ein to krijen.

55. *Soks stiet net yn myn boekje.*

Ik haw it net bigrepen om it sa to dwaen.

56. *Ik sil der ris in boekje fan opdwaen.*

Bitsjut: Ik sil der ris dingen fan sizze, dêr't men frjemd fan opharkje sil.

57. *It rekket yn 't forjittersboek.*

Men tinkt der sa lyk net mear om, hoewol 't eigentlik net forgotten  
hearde to wêzen (in saek dy't minder moai is en dêr't men de man oan  
ken)

58. *Dat wienen de boer syn guozzen net.*

Hy neamde eat oars, as er wierliken bidoelde.

59. *It buordtsje omkeard.*

Dat slacht bynammen op in úthingboerd. Op'e iene kant stiet it  
figuer, op'e oare neat. Wurdt ornaris sein fan in omstannichheit, dy't  
earst de moaije kant sjen lit, mar letter, bynammen as de persoan it der  
sels nei makke hat, de bline.

60. *It libben op in buordtsje.*

In maklik libben: net tofolle dwaen en der goed fan ite en drinke.

61. *Immen achter de boksen sitte.*

Immen achternei sitte, it him lestich meitsje, bynammen om jildskuld.

62. *It is in bollekeal.*

De boer fangt leafst in koukealtsje, fierwei de measte bollen wurde  
daliks slachte. Fig. eat dat jin ôffalt, dêr't mear fan komme kinnen hie.

63. *Dêr is gjin bolwurkjen tsjin.*

De bolwurken wienen der by âlds ta biskerming fan 'e stêd. Yn dizze  
ûntstridende sin slacht it op ûnk, dat mei gjin minskemacht to kearen is.

64. *Hy hie syn botsen (earen: oartsen) forsnobbe.*

Bern krigen yn 't foarige wol in botsen mei nei de merke. Hienen hja  
dêr snobbersguod foar koft dan koene sy letter neat mear krije, al  
krigen hja ek noch safolle lekkers yn 't fisier. Fig. foar immen, dy't fan  
in frommis it jawurd krigen hat. Hy kin letter net in oarenien nimme.

65. *Der bras mei wêze.*

Der tige mei ynnommen wêze.

66. *Alhiel yn 't brat wêze.*

Brat is (wie) in kostbere wollen stof. De sizwize jowt nou oan dat men  
alhiel yn'e pronk is.

67. *Myn hjerring bret dêr net.*

It is foar my gjin plak om dêr to wêzen. Omkeard: Hjir bret myn  
hjerring, d.w.s. hjir bin ik skoan to plak.

68. *Brea mei brea smarre. (Fr.W.)*

Wurk om'e nocth dwaen, nutteleas.

69. *Immen hwat op syn brea lizze.*

Immen ûnrjochtfeardich bitichtsje fan eat, of eat forwite.

70. *Earne brea fan iten ha.*

Yn it ien of oare goed thûs wêze, der mei oer 'e wei kinne.

71. *Immen de breakoer omskoppe. (Fr.W.)*

Immen skea oandwaen yn syn breawinning.

72. *Ut 'e brede fjirtjin.*

Mei fjirtjin wurdt hjir fjirtjin pounsmiet lân bidoeld. Uteraerd is sa'n  
stik tige breed; it stekt net nau hoefolle gewaeks sa'n stik lân opleverje  
kin. Fig. sein fan lju dy't it rom hawwe en rom tarre.

73. *It each fan de boer is de dong foar it lân.*

De boer dy't al den dei de pleats trochkomt sjocht oan it gewaeks hwat  
it nedich hat.

74. *De boer moat sels de leije ha. (U.F.V.)*

De boer moat sels syn hynder stjûre; sels baes wêze op syn gerjochtich-  
heit.

75. *It brief allinne wol lêze kinne. (R & T)*

Alear wie mar in inkeld minske de lêskunst machtich, krike men in  
brief dan moast faek in oar syn help dêrta ynroppen wurde om him to  
ûntsiferjen. Fig.: It iten allinne wol op kinne, it bûten in oar syn help  
wol stelle kinne.

76. *De brij is dêr sangerich.*

Oansangere brij is tofolle op'e boom fan'e panne sakke en dêr oan-  
baernd. Fig.: It smakket dêr net rjocht, it is in saekje mei in smaekje.

77. *Immen in bril op'e noas sette.*

In ûnhandelber hynder krije alear in izeren knypbril op'e noas.  
Fig.: Immen de gek oanstekke. Immen 't útsicht binimme, troch foar syn glêzen to bouwen.

78. *Nou sil de bûter jild jilde.*

Lett. nou is't oan 't forkeapjen ta, sil men sjen hwat der makke wurdt.  
Fig.: Nou sille wy wyswurde, hwer't it mei de saek op útdraeit.

79. *Hy is de kat, dy't de bûter opfretten hat.*

Hy moat it altyd ûntjilde, him wurd alles oanwreaun, itsij dat er kwea dien hat of net.

80. *It is bûter oan'e galge.*

It is om'e noct. Jildt bynammen foar in weismiter, dy't fan alle formoannings en kosten, dy't oan him bistege wurde, net better mar wol minder wurdt.

81. *In hiel stik bûter yn'e brij.*

In moai bûtenkânske, in tafaller.

82. *Alles is gjin bûter, hwat de kou skyt.*

It is net allegearre foardiel hwat in minske biarbeidet.

83. *Dy't byleit is de minste net. (Lex. 292)*

As men by in skeel de earste is om de hân ta forsoening út to stekken is soks in biwys fan geastlike heechheit.

84. *Dy't byt hat, moat ophelje.*

Dit slacht op angelfiskjen. Hat men byt dan giet de koark nei ûnderen; op it juste momint opheljen, bringt de fisk op'e wâl. Fig.: As de feint fornimit dat de faem hingje wol, dan moat er syn kâns net foarby geant litte.

# D

85. *It is allegearre koeke fan ien daei.*

Yn't Nederlânsk: het is een pot nat, 't wurdt ek sein fan minsken.  
(Dat soadtsje liket nou krekt op elkoar, hja hawwe deselde oanslaggen.)

86. *Sa lang as it sa dawet, hoecht it net to reinen.*

Ironysk sein as it reint, dat it east.

87. *Dat kriget in séfte dea.*

De sack, dêr't men earst gâns fan forwachte, of frij hwat bang foar wie, draeit op neat út.

88. *De earen sitte him deun oan'e holle.*

Wurdt sein fan immen dy't tige oan 't jild fêstsit, net bêst hwat misse kin.

89. *Hy falt mei de doar yn hûs.*

Hy seit sûnder omtinken, bot en rau syn miening.

90. *Immen it gat fan 'e doar wize.*

Immen opmerksum meitsje, hwer't de keamersdoar is. It wol sizze dat men immen, gewoanlik net botte freonlik, bitsjut dat er hastich it hûs forlitte moat.

91. *Dat docht de doar ta.*

Nou is 't moajernôch, dit bringt de bislissing (meastal in ôfwizende) mei.

92. *Dat leit net foar myn doar.*

Dér haw ik neat mei út to stean.

93. *Achter de doar stean.*

Net meirekkene wurde; bynammen as der in gastmiel hâlden wurdt, is dat in min ding.

94. *Elts hat noch foar syn eigen doar to feijen. (Fr.W.)*

Elts hat oan it tûch yn eigen túntsje genôch. Better as in oar syn lek en brek op te lêzen, is it, om jinsels ta deugd oan to stellen.

95. *Earne oan de winige doar komme.*

Earne net botte freonlik ûntfongen, mar ofsnaud wurde.

96. *It spul yn 'e dôfpot triuwe. (Lex. 619)*

In skandlik of ûndogensk stik bidekke, sadat it net únder de minsken komt.

97. *Op 'e doppen sitte. (V.F.)*

Op swart sied sitte. Gjin jild mear ta jins foldwaen hawwe.

98. *Dat is gjin dracht foar ús lju.*

Sokke klean binne boppe ús stand.

99. *Dy keardel hat dûbeld (sawndûbeld) fel foar'e kop.*

Hy skammet him neat foar syn ûndogenske stikken, praet yn it selskip as hied er noch nea kwea úthelle.

100. *Mei dûbeld kryt skriuwe.*

Alear waerden yn'e winkel de posten mei kryt op in swart buordtsje útrekkene. In handige winkelman wist it kryt sa to hâlden dat de sifers de helte heger kamen.

101. *Soks duorret oan in tiid ta.*

It komt gau en ûnforwachte oan in ein.

# E

102. *It each wol sines ha.*

Men is mar net allinne tofreden mei it gaedlike fan in saek of de ynboarst fan in persoan (meastal in faem) mar sjocht ek oan hwat foar eagen is, dat moat ek hwat lykje. In minske hat gefoel foar it kreaze.

103. *In each yn't seil hâldre.*

Hâldt de skipper goed it each op it seil, dan sil er goed midden yn 't farwetter bliuwe. Fig. meastal brûkt, om oan to tsjutten dat men op in oar syn gedoente tasjocht. Dy „oar“ is dan meastal fan neije famylje.

104. *It each is greater as 't liif. (as de mage).*

Sein fan immen dy't oan 'e iterstafel mear item ynlaedt as er opkin; dy't de panne net leech kriget.

105. *It each sjocht altyd fan him ôf.*

Men sjocht in oar syn lekken en brekken altyd folle better as jins eigen.

106. *It ding mei gjin each ha. (Fr.W.)*

It moet foar de minsken forhoalen bliuwe.

107. *In skalk each op immen ha.*

Immen wantrouwe.

108. *In skean each op eat hawwe. (U.F.V.)*

Earne mei forhoalen oandacht nei sjen, om't it saekje jin net suver foarkomt.

109. *Nou sjocht it ding út oare eagen.*

Eat sjocht der himmelder en better út, nei 't it havene is.

110. *De eagen tichtknife foar eat. (Fr.W.)*

As men de eagen tichtknijpt sjocht men neat. Fig.: Dwaen oft in saek jin net oangiet, jin mar hâldre oft men in forkeard ding net sjoen hat.

111. *Dat byt my de eagen út.*

Hwat soe ik dêr nou in sin oan ha en yt it op.

112. *It is op in ear nei fild. (Fr.W.)*

Sein fan in kreweike dat hast birêdden is. (Doch dus mar efkes tiid)

113. *De earen nei eat hingje litte.*

Wol sinnichheit hawwe om op in ústel yn to gean.

114. *Ik wit der gjin earen oan to naeijen. (U.F.V.)*

Ik sjoch de saek net al to goed troch. It liket my hwat ûbigryplik ta.

115. *De earen sille him noch wolris biskôge wurde.*

Hy sil noch wolris hwat oars ûnderfine as in loai lekker libbentsje.

116. *De earen sille dy noch wolris bikôge wurde.*

Dû silste letter safolle net mear to sizzen hawwe, mar dy ynbine moatte om't hwast' dy foarstelste allegearre lang net útkomt.

117. *To min earmslach hawwe. (U.F.V.)*

Earmslach is romte om' jin goed warre to kinnen. Fig.: sein fan immen dy't to min jild omhannen hat, dat er syn saek goedernoch drieuwie kin.

118. *Hy hat in lange earm.*

Hy hat jild en macht en wit dy ek goed to brûken.  
Ek: Syn earm rikt fier. (U.F.V.) Hy hat forskate lju ûnder de swymslach.

119. *Hy biklaget him as de earrebarre de kikkert.*

Iron. Hy is sùnder meilijen, al seit er dan in foech spotsk treastwurdsje.

120. *De iene syn eart is de oare syn foer. (V.F.)*

Eart is hwat in bist ôfkattet en dus net mear ite wol. Forlikenje:  
ôfeater = foarke, dy't it ôfeart ûnder de bisten weihellet. Fig.:  
Hwat de iene net ha wol, om't er der to rûm by stiet en dêrtroch tier is, sil de earmere graech ite of drage wolle. Ek: Hwat nou **eart** is, is him letter foer wurden. Komt men troch tsjinstuiten net sùnder eigen skuld faek yn'e bidelte, dan sil men bliid wêze hwat yn 't foarige gjin acht slein waerd.

121. *De Eastfriezen binne yn it lân.*

Dit seit men as it oanhâldend út it easten wei friest.

122. *Elke skoat is gjin einfügel. (Fr.W.)*

Elts ûndernimmien birikt it doel net.

123. *It op in erchje ha. (Fr.W.)*

Der hwat op witte to finen, it op syn gemak hawwe.

# F

124. *Immen yn'e faksen ride. (sitte). (Lex. 997)*

Immen tige pleagje en narje mei 't doel him tsjin to wurkjen.

125. *Eat yn'e jamkste fâlde slaen. (Fr.W.)*

Eat to'n bêsten opnimme.

126. *Dy keardel is noch famylje fan my.*

Ik moat noch sinten fan him ha (dy't ik wol net krije sil).

127. *Ut jins eigen fearren fleane kinne. (U.F.V.)*

Mei jins eigen sinten it spul bisiferje kinne, towylst men net by in oar wurket.

128. *Moaije fearren meitsje moaije fügels.*

In kreas forsoarge foarkommen jowt oansjen.

129. *Immen gjin fear fan 't gat blaze kinne.*

Immen neat meitsje kinne, om't er gjin bisittingen hat.

130. *Immen in feech jaen.*

Immen hwat sizze dat him sear doch.

131. *Hy hat it mâl fel oan.*

Yn't foarige sloech dit sizwurd op eat kweaäerdichs, nou mear op gekjagerij. It bitsjut nou, hy hellet hwat raers út, tjirget him mâl.

132. *Immen op syn festje spuije.*

Immen de foar him net sa botte noflike wierheit flak yn syn gesicht sizze, by 't haetlike omt ôf faek.

133. *'t Is altyd fet yn in oarmans skûtel.*

Men sjocht de foardielen dy't in oar hat mei jaloerske eagen oan en forjit it goede dat men sels ûntfongen hat.

134. *In bult fiven en seizen hawwe.*

Hiel hwat bistel hawwe. En net rjocht út 'e ein komme kinne.

135. *Hy hat him likk yn 'e fingers snijd.*

Bidoeld wurdt dat men jinsels in ûngemak op'e hals helle hat, dat jild of oansjen kostet.

136. *Jow se de lytse finger, hja nimme de hiele hân.*

Slacht op ynklauske lju, dy't men gijn bod jaen moat, hawwe hja ienkear bigin, dan ploaitse hja sa lang hja mar kinne.

137. *Lange fingers hawwe.*

Jin taëigenje fan oarmans eigendom, dat men ûnder jins hoede hat. Bynammen fan tsjintstberen dy't har hear en vrou bistelle.

138. *Men doar dêr gjin finger yn'e jiske stekke.*

Stekt men in finger yn'e jiske, dan komt der maklik hwat smoargens fan, al hat dat netolle to bitsjutten. Fig.: Men doar dêr neat út to heljen, hwant oer it lytste tûchje (ûngeruchtichheidtsje) wurdt in danigen mûle opskuord, spul úthelle.

139. *Hy sjocht my altyd op'e fingers.*

Hy tinkt der altyd om hwat ik doch, om my nei to gean oft ik ek ris hwat úthelje sil, dêr't er myn lek en brek oan witte kin.

140. *Siz dat net en hâld him de finger yn'e mûle.*

Dy't in oar de finger yn'e mûle stekt, hat kâns op in gnau. Fig.: Immen dingen sizze, dy't him net smeitsje en meiien him gjin fet jaen op in eigen lek of brek, hwant dan sil men 't fiele.

141. *Hy hat in fin mear as in bears.*

Der wurdt fan him hwat troch de fingers sjoen, hwat men by in oar daliks net dwaen soe. Hat ek mear kâns op in foarspronkje.

142. *Hwa hat dat op'e fioele spyljen heard? (U.F.V.)*

Bynammen yn 't foarige wie de fioele yn'e harbarge it muzykynstrumint dat by setten en pretten tsjinst dwaen moaste. By de bikende wyskes waerd dan dounse, mar by ûnbikende moast dat oergean. Fig.: Hwa hat it nou sa raer of bütewenstich heard?

143. *Hy flaeit as in fisker. (U.F.V.)*

In fisker lokket mei syn ies om de fisk to fangen, sa kin in minske it moai bilizze om ek in fangst op to heljen. Slacht meast op bern, dy't mem wol efkes ta it trompke ha wolle.

144. *Fan'e finne yn'e jister komme.*

Yn'e finne waechst geil gers, dêr hawwe de bisten it skoan: yn'e jister wurde se molken en wurdt de boel towâdde, towylst dêr ek wol ris hwat delfalt; goed item waechst der net. Fig. fan in minske, dy't breed hawn hat en nou troch tsjinstuiten syn goed kwytrekke is.

145. *Alle fiskkoppen stimme dy mei. (Fr.W.)*

Elk hâldt him stil astou oan't wurd biste, itsij datst' gelyk of ûngelyk haste. Bynammen de dommen dogge dat.

146. *Immen to fiter hawwe.*

Immen foar de gek ha, dat hy der hwat by yn sjit, to witten sinten of care.

147. *Immen troch de moster fiterje.*

Immen flink oansette yn 't wark.

148. *Hy is op fjouweren bislein.*

As de hynders alle fjouwer poaten bislein binne (mei hoefizers) dan kinne hja it wark, dêr't hja foar ornearre binne, yn elk opsicht forrjochtsje. Fig.: De man is der foar birekkene syn taek, sawol mei de mûle as mei de hân, to forrjochtsjen.

149. *Hy spuit fjûr en flam.*

Hy is gleon en heftich yn syn sizzen.

150. *Hy hat in hiele bulte izer yn 't fjûr.*

As dat letterlik sa is, dan komt der gâns to smeijen. Fig.: Hy hat forskate saekjes op to knappen en dêr mei er ek graech oer.

151. *Hy sit tusken twa fjurren yn 'e jiske.*

Hy sit tusken twa hjiitte saken yn op in smoarch plak, tige yn ûngelegenheit en kin gjin kant út.

152. *It fjûr wurdt him nei oan'e teannenlein.*

Is dat letterlik sa, dan kin it jin wol waerm genôch wurde. Fig.: Dan sette se jin der tusken, om't men der sels gelegenheit ta jown hat. Jins eigen ûngerjochtingheden wurde jin sa klear ûnder 't forstân brocht, dat it jin tige ûnbihæchlik wurdt.

153. *Immen oer'e flaelje slaen.*

De flaelje is de fleijel der't mei tursken waerd. Immen tasnauwe dat er ûngelyk hat.

154. *Oan 't waeijen fan de flagge to sjen, dan komt it dêr rom om.*

Neffens de úthang dan sitte dêr wol sinten (mar it kin der dêrom wolris oan ha).

155. *Witte hwat flesk men yn'e kûpe hat.*

Witte mei hwat folk men to dwaen hat, op 'e hichte wêze, bynammen mei immens forkearde dingen.

156. *By de flotgerzen lâns.*

Flotgerzen groeije oan 'e iggen fan sleatten en puollen. Giet men dêr dus fig. by lâns dan giet it op it kantsje omt ôf, dan skeelt it neat oft it giet forkeard. Ek wol: tige sunich.

157. *Dér is flecht op'e koai.*

Yn 'e koai wurde de einen lokke. Komme der gâns, dan is der „flecht“ hinne. Fig.: Der komme forskate frijers op dat hûs tasetten, de dochters hawwe dêr mar kar út.

158. *Immen op syn foarman sette.*

Immen dêrta bringe, dat er syn plicht docht.

159. *Hy kriget de wyn fan foaren.*

Der wurde him rare dingen sein (en dat hat er ek wol fortjinne).

160. *It is ús foech net.*

It past net by jin. Men hat der gin jild genôch foar.

161. *Hy dijt wol in foet yn't fjouwerkant.*

It is him tige nei 't sin, bynammen as er gâns priizge wurdt, of op in oare wize syn wichtigens útkomme litte kin.

162. *De foet by de kûle hâlde.*

Sûnder útwrydskens libje; ek as de pong it wol talit, gjin sinten tofolle útjaen, arbeidze en kloek libje, súnhich wêze en oppasse.

163. *Syn foet stiet ûnder allemans (oarmans) tafel.*

De persoan dy't it jildt, hinget yn syn bisteân fan in hiele bulte lju ôf, b.g. in bakker, winkelman ensf.

164. *Hy wol gjin foet forsette.*

Wol in bist soks net dan kin men it net op it foar him ornearre plak krije. Is't sa mei in minske dan is't in dwersdriuwer, in stiifkop, dy't net fan syn stik to bringen is, net dwaen wol hwat men winlien graech seach.

165. *Men kin op ien foet net gean.*

It fatsoen freget om in minske minstens twaris in kopke thé ofsa yn to jitten. Sûpers meije dat sizwurd graech brûke by har romerfol.

166. *Birint de weazige foet eat, de jiskige birint neat. (G.J.)*

It is better smoarge fuotten fan modder (weaze) as fan jiske to krijen, hwant in man fan it boerelân moat it op it lân fortjinje en net by de kachel, dêr't de jiske stout.

167. *Hy hat him by 't fuotsje krije litten.*

Hy hat him tofolle ôfnimme litten.

168. *It bêste fuotsje moat mar wer foar.*

Wurdt oantreastgjend sein by ûnk of tsjinslach om útkomme to litten dat men jin mar op it bêste yn 't lijen skikke moat.

169. *It spel hat fuotten krike. (U.F.V.)*

Hwat fuotten hat kin út 'e wei komme. Fig.: It is wei, troch minske tadwaen út 'e wei brocht, mooglik stellen.

170. *Dat giet ta fuotten út.*

Dat rekket yn ein, giet nei de „rotfot“.

171. *Mei twa fuotten yn ien hoas.*

Yn 'e forlegenheit sitte.

172. *It spant om de fuotten ûnder 't liif to hâlden.*

Om de saken foarinoar to hâlden dat men net alhielendal de sinten kwyt rekket.

173. *It rint safier as it fuotten hat.*

Bidoeld wurdt: safier de fuotten drage kinne. Binne dy ynein, dan hâldt it rinnen fansels op. Fig.: Dat duorret net sa lang, dan hâldt it fansels wer op; dy (gewoanlik breed opsette) saek rint mei de tiid wol speak.

174. *It skeelt fuotten en fiemen.*

Fuotten binne hjir mjitten fan in foet lingte, ek sa in fiem in mjitte (safier in minske útmjit) dus skeelt it gâns.

175. *It folk komt by de lju.*

Wurdt sein as der in gearkomste fan freonen is, en der noch meer bykomme.

176. *Dy't folle seit moat folle wiermeitsje.*

Dy't gâns to fortellen wit, moat oppasse en bliuw by de wierheit; (mei de bybidoeling: dat hat der soms wol oan).

177. *Dy man, dêr sitte fordjippings yn.*

Men kin net maklik bidjipje (gewaerwurde) hwat sa'n persoan krekt (mei jin) fan doel hat.

178. *Men kin him forkeapje en ôfleverje wylst hy der sels by is.*

Sein fan in sokses dy't gjin forstân of trochsjoch fan de saken hat en in oar syn bidoelings net bigrypt.

179. *Mei de forkearde foet foar fan 't bêd komme.*

Mei in min sin.

180. *De forwielen lape, de rynske tape, de hege steat meitsje Fryslân bleat. (Burm.)*

It lân forearmet as de minsken pronkje, súpe en in hege steat fierie.

181. *It freegjen is vrij en it wegerjen der by.* (U.F.V.)

Freegje jo mar, as ik antwurdzje sil, dat is in oare saek. Der is lang gijn wissichheit dat ik oan it forsyk dat yn jou fraech bisletten wêze kin, foldwaen sil.

182. *In graed uterliker as pûr frjemd.*

Iron. Yn'e fierste fierste gjin famylje.

183. *Der binne safolle hearen om foar to niigjen, sei de frosk, doe't de eide oer him hinne sleepete.* (Burm.)

Lytse lju kinne as ûnderlizzend partij har mar deljaen.

184. *De hiele fyljekant om.* (Ek: filekant.)

Reizget men oer lân nei Amsterdam dan moat men de hiele Veluwe-kant om. Fig.: Gâns in omreis; gâns in omhael fan wurden.

# G

185. *Fan'e gaei wêze.*

Gaei is wize, forlykje ek geije: bluistrich roppe. Ek: de tried kwyt wêze. Fig.: Yn'e riddenearing der mar hwat fan meitsje, hinne en wer springe mei de gedachtens. Ek: it mäl dwaen.

186. *It gappet mear as it byt.* Ek: wider.

De mûle komt wol wiid iepen (lyk as b.g. mei in houn) mar oan biten komt it net ta. Fig.: Dat liket slimmer as it is.

187. *Hy sil hjoed gapstokken keapje.* (Fr.W.)

In gapstok is immen, dy't mei de mûle iepen nei it ien of it oare stiet te sjen. Wurdt sein fan immen, dy't nei in boelguod giet, net om to keapjen mar om te sjen.

188. *Ik sjoch dy in gat yn'e kop.* (U.F.V.)

Gefaeer yn'e weachhalzerij. Fig.: Meastal sein by in faeije finansiële ûndernimming.

189. *Hy sjocht de boel ris troch 't gat.*

Troch in kykgat in oar syn spul biloere. Ek: de saek bispionnearje. By in oar yn 'e hûs it spul ris opnimme en der by himsels syn op- en oanmerkings oer meitsje.

190. *Hy sil in raer gat yn' gean.*

Foarhinne kamen de dogeneaten gauris yn't hounegat ûnder de doarps-toer. Dat wie fansels in raer gat. Fig.: It sil noch raer mei him gean. (mooglik noch wol yn't tichthûs tolânné komme).

191. *Ut in great gat blieze.* (Ek: heech) (U.F.V.)

Opskepperich prate en dwaen, en op dy manear eigen greatens forkundigje.

192. *Hy wynt it gat der út.*

Soks docht men as men earst de saek mei oangien hat of der goed foar sein hat en letter kâns sjocht om net mear mei de oar(en) yn'e kompe to bliuwen, bynammen net as 't liket to mislearjen.

193. *Hy kin my net in fear fan 't gat blieze.*

Ik bin sa earm, hy kin my net in sint mear ûnthelje. (Sabearre blydskip mei de earmoed).

194. *Mei 't gat op 't jild sitte.*

Deun wêze, tige fan in sint ófsoargje.

195. *Dy't him it gat baernt moat op de blierren sitte. (Lex. 390)(F.W.)*  
De úngemakken dy't men jinsels oandocht, hat men sels ek it lijen mei.

196. *Immen by't gat ophelje.*

Immen bilasterje.

197. *Witte op hwat gat men sit. (Fr.W.)*

Witte, bynammen Nijjiers, Maejes en Alderhellings hoefer men it mei  
de sinten bringt.

198. *Dat sil him fan't gat gean.*

It sil him muoije dat er net kriget hwer't er him op forgappe hie.

199. *Dat is by de gatten hiel (ticht).*

Iron. fan in stik guod (klaeijing of sa) der't forskate gatten yn sitte.

200. *It spul troch it goatsgat jeije. (Ek: troch de ruten smite)*

Sjen dat de boel opkomt, it goed forspylje troch eigen skuld.

201. *Dy't gewelt hat, dy brûkt it.*

Dy't de macht hat, lit dat goed witte. Der leit ek yn opslutен, dat er  
dy macht wolris misbrûkt.

202. *Sa goed as Geartsjemuoi, se koft in grou bôlle en iet him sels op.*  
(Fr.W.)

Jin rynsk foardwaen, mar neat misse wolle.

203. *Hy is goed foar him hinne.*

Hy is sahwat de ûnnoazele kant neist, bringt it dus net fier yn'e wrâld.

204. *Jins goed en tsjoed komt jin werom. (V.F.)*

Docht men goed of tsjoed (forkeard, kwea) dan kriget men de bilean-

ning thús, al nei't men jin hâlden en droegen hat.

205. *It is noait better as goed. (U.F.V.)*

Skamper sizzen hoeneare men mient jins uterste bêst dien to hawwen en  
men kriget in foech knikje fan: it skeelt net alles.

206. *Goedryk, bloedryk. (R & T)*

Dy't goed hat (yn'e sin fan bisittings) wurdt eare troch syn famylje  
(dy't mei him fan itselde bloed is). Dizze sizwize jowt meienas oan:  
in earme stakker wurdt faek troch syn famylje forgotten, bynammen as  
dy famylje it hwat rommer hat.

207. *Sa'n gong is net in doktersgong.*

Komt in dokter by in minske, dan moat dêrfoar bitelle wurde. Yn  
dizze ünstridende sin wol it sizze, dat in wannelinkje mear of minder  
nei immen ta gin sinten hoecht to kostjen.

208. *It wurdt in gouden keatling of in izeren. (U.F.V.)*

It wurdt bysûnder foardelich of ien stik skea (meast kâns op it lêste).

209. *It is nou ús gouden úre.*

It is nou de tiid om foar jins bilang yn 'e wapens to wêzen. De juste  
tiid fan oanpakken dy't men net forsomje moat.

210. *Hy hat der net grien op.*

Hy is der net op gesteld. It stiet him net rjocht oan.

211. *Oan'e griene side krûpe.*

Slacht bynammen op in feint, dy't de faem oan'e lofter side sitten giet  
om har oan to heljen.

212. *De grize oer'e grouwe gean.*

Fan kjeltme en forhearders oer spoekerige dingen (of forteltsjes) geane  
jin de kâlde grillen oer'e lea.

213. *Der sit gijn groede yn.*

Net soun en tierich wêze en dêrtroch net waekse en groeije kinne. Sa'n  
ien wurdt in skroedtsje.

214. *Der is gijn grilke oan'e loft.*

De loft is klear en moai. Der binne gijn swierrichheden, de saek lit him  
moai oansjen.

215. *Dat is eigen oanret guod.*

In ding of in spultje dat men sels makke hat. Net troch in fakman  
levere, mar sels byinoar gnûske.

216. *It is my in gûl om in goarre.*

De wurden gûl en goarre bitsjutte beide: hynder. Gûl of goarre: it is  
my beide suver itselde.

# H

217. *In hiele hael dwaen.*

Aerdich hwat helje, op in goede wize flink foarút buorkje.

218. *Immen de hân boppe de holle hâlde.*

Hat oerienkomst mei immen de segen jaen, hwerfan by âlds it hân boppe de holle hâlden it symboal wier. Fig.: Immē yn bikrompen omstannichheden, dēr't er yn forkeart, ta stipe wêze, ek geastlik.

219. *Hy hâldt goed streek.*

In reedrider makket streken. Dy't dat goed docht, komt flink foarút. Fig.: Hy hâldt en draeht him goed by hwat er docht, sadat syn lean net útbliuwt.

220. *Hy wit fan hâld noch boei.*

Lit men de hynders krieme en men wol se lofts ha, dan seit men fan hâld en rjochts is 't boei. Bidoeld wurdः: ien dy't fan rjochts noch lofts wit, in domkop is.

221. *Us dominy hat in gouden halsbân.* (Lex. 305)

Hy is húsfreon by de foarnome lju yn'e gemeente.

222. *Wy kinne de stôk wol yn'e hals stekke.*

Neat to iten of to bikken ha.

223. *Dat is de hiele hals.*

Dat is alles, dēr't nou sa'n spul om útjown waerd.

224. *Dêr waeide my neat yn'e hals.*

Ik krike dêr gjin flaubyt.

225. *It hat neat om'e hakken.*

It hat neat to bitsjutten.

226. *Hja litte jin de hakken sjen.*

As hja by jin weigane. Fig.: As hja neat mear fan jin witte wolle.

227. *Mei ham en gram.*

Mei alles hwat der om en yn sit. Ham is it fleis, gram it yngewant, tink ek oan fiskgrom.

228. *De iene hân moat de oare waskje (en hja wurde beide skjin).*

De iene minske moat de oare helpe, oer en wer, en hja hawwe der beide profyt fan. Ek: elkoar bystean om yn smoarge saekjes dochs noch moai foar 't ljocht to kommen.

229. *Ik bin yn hâldershân.*

Eig.: Ik haw in hâldende hân. Bidoeld wurdः: men hat de sinten noch, komt de saek forkeard út, dan bitellet men it kofte net (of net folslein) al hat men dy saek al úntfongen.

230. *Ik wol de iene hân der net om yn 'e oare lizze.*

Gjin hân der om forroere: de saek lit my kåld, is my ûnforskillich. Ofit it de iene of de oare kant útgiet, it is my itselde.

231. *Men moat de hân net tusken beam en bast stekke.*

Docht men dit by libjend hout al, dan knypt de hân der tusken. Fig.: Jin net bimuoije mei strideraesje tusken man en wiif.

232. *It heft yn'e hannen hawwe.*

Hat men it heft fan it mês yn 'e hannen, dan kin men raek snije. Fig.: Fan in saek de macht yn'e hannen hawwe en dy brûke om jin to hant-havenjen. Ek: it biwâld earne oer fiere.

233. *Mei omkearde hannen stean.*

Dan kin men net arbeidzje. Men seit dit fan immēn, dy't by 't wark stiet en der gjin forstân fan hat, om dat wark goed oan to fetsjen.

234. *Hy is alhiel mei hannen omkeard.*

Hy is foroare fan sjenswize, nimt gâns in oare hâlding oan.

235. *Hy wol my wol op 'e hannen drage.*

Feitlik in sprekmear oan'e Bibel úntliend. It bitsjut dat bidoelde persoan jin alle mooglike leafdetsjinsten biwiizge wol.

236. *It brekt him by de hannen ôf.*

Dat bart letterlik as men troch it iis sakke is en men bisiket by de broazelige iiswâl op to klauwen. Fig.: Jins birekkening komt net út, it biteart mis, hopeleas mis.

237. *In hjit hangizer.*

Poarhinne wienen der gjin kachels op 'e hurd, oars net as in fjürpot by de hurddobbe. Sea men de ierpels, dan waerd de itenspôt oan in keatling bifestige, dy't yn'e skoarstien hong. Gyng de lôge hwat heech, dan koe dat „hangizer” ek wol hjit wurde. By it útheakjen fan'e ierpelpot die dat soms bliken en loeken de froulju hastich de hân werom. Fig.: In op himsels bigearlike, mar nedige saek, dy't by 't oanfetsjen lijen bisoarge kin.

238. *It hat der gjin hânwetter by.*

Dizze sizwize is min to forklearjen. Der wurdt wolris sein, dat it ûntstien wêze kin út it âld gebrûk om de hichte fan it wetter oan to jaen mei de mjitte fan de hân yn palmen. Sa kin dan: it hat der gjin hân (klam op hân) wetter by, oergien wêze yn: it komt der net oan ta. It hellet der net by, it kin der lang net tsjin út, lyk as nou de bitsjutting fan de sizwize is.

239. *Yn syn hear en fear.*

Alles hwat der om en oan sit.

240. *It hear oersjen.*

De lânsdouwe oersjen.

241. *Dêr't de hearen ride stout de moude. (U.F.V.)*

Dêr't de bidlers dounse stouwe de lapen. Bliuw fan beide op in earbediige ôfstân.

242. *Strange hearen regearje net lang.*

Wurdt bynammen sein mei it each op strange froast, dy't gewoanlik mar in koart setsje duorret.

243. *Nije hearen, nije manearen.*

Nije hearen, meije graech mei nije wetten en oankomsten op'e lappen komme, dat it folk witte sil dat dêr boppe en oer har wol tocht en prakkesearre wurdt.

244. *Men moat him hwat heine en slaen.*

Men heint of slacht de bal by't keatsen, al nei't útkomt. Fig.: Men moat mei him witte fan nimmen en jaen. (Jin hwat nei syn oankomsten skikke).

245. *Immen it helter útstrûpe.*

Hynders krieje in helter om, dan kin men se better beethâlde. Strûpt men it har út, dan reitsje hja hwat to missen. Is in forséftjende forliking fan immen it fel oer'e nekke helje, ôfhelje hwat der ôf to heljen is.

246. *It hert sit him tsjin de kiel oan.*

Hy is fol, bidoeld wurdt yn'e sin dat er tige muoilik is, mei de saek gâns to krijen hat.

247. *Fan jins hert gjin moardküle meitsje.*

Der gjin dingen yn bistopje dy't jin hast ta in moard oansette soene. Wurdt yn úntstridende sin brûkt, om oan to jaen, men is net fan doel jins gedachtens oer immen (hwerfan men mient kwea to witten) foar jin to hâlden; men sprekt jin dus út.

248. *It hert is net gerést ear't yn unrest is. (U.F.V.)*

Men skept sa lang dat men hielendal yn únréstigens tahâlde kin. Bidoeld wurdt: in allinnesteand minske longert der nei om in „bûks-wjergea” to finen, hat er dy (trout er), dan komt it lijen faeks opdaegien yn it: hwat mear hollen hwat mear sinnen, en ek yn it lëst dat de bern opleverje kinne (en gewoanlik ek dogge).

249. *Dat moat syn hert mar ophelje. (U.F.V.)*

It komt mar, sa't komt, ik sil (kin) der neat oan dwaen.

250. *In heukerich libben hawwe.*

Heukerjen is klomsk omstrunden en net folle by'n ein hawwen. Sa'n heukerich libben is kåld, súnder folle werk en bitsjut in bytsje, sawol foar de persoan sels as foar syn evenminsk. Hat ek forbân mei earmoedlijen.

251. *Hy bitellet it lêste hierjier mei it bêdstrie.*

Hy hie gjin sinten om de biloofde hier to biteljen, mar liet it bêdstrie binefter, dêr koe de lânhearre him mar mei tofreden stelle.

252. *Dat hierret min.*

Dy kleuren passe net byinoar.

253. *It is him wakkere hiem. Ek: hy hat it wakkere hiem.*

Is immen hwat hiem, dan is him soks tige eigen, docht of herhellet er soks gauris.

254. *Tusken hingjen en wierjen wêze. Fan âlds: wjirgjen. (U.F.V.)*

Der sahwat tuskenyn sitte. It slacht der op, dat men hast net wit hokker kant men út sil, lyk as it waer dat al of net ta „wierjen” oanlieding wêze kin.

255. *Dy't seit fan: tsjoets! mient de hinnen allegearre.*

Dy't de hinnen forjaget, docht dat faek mei it wurdtsje: tsjoets. Hy mient allegearre, om't se allegearre op in forkeard plak binne. Fig.: As in bistraffing útdield wurdt, hoecht nimmen fan de „taharkers” to mien dat it him net jildt; elk kin 't mar nei him nimme.

256. *Immen oer'e hikkel helje.*

Flaechs wurdt oer'e hikkel helle (rûpelje) om'e knoppen derôf to heljen. Fig.: Immen oer in eigen oanrette útwizer fan goed en kwea helje en dérneffens bioardelje, gewoanlik tige skerp.

257. *It hynder mei lange hjouwer fuorje.*

Him mei de swipe omseamje en net tofolle yn 't rip jaen.

258. *Op hjiitte koallen sitte.*

Yn de werklikheit soe dat net tafalle. Fig.: Men sit, om't it iene oft oare jin twingt om sitten to bliuwen, mar men fielt feitlik noch mear de needsaek dat men op in oar plak wêze moat.

259. *De brette hoanne spylje (úthingje). (U.F.V.)*

Mei fortoan fan macht op'e lappen komme.

260. *Dêr kraet gjin hoanne nei.*

Gjin ien wurdt it gewaer, dêrom wurdt der ek net oer praet. (meastal oer saken dy't gjin wurd ha moatte.)

261. *It kin gjin hoanne lige. (U.F.V.)*

As men eartiids de lanhearre bitelle, wie 't brûkme der in hoanne op ta to jaen. Mei skea buorkje. It lytste forlies wurdt danich field.

262. *Hy stapt as in stoaterske hoanne op in hjiitte plaat. (U.F.V.)*

Tige greatsk, towylst er dochs net folle to bitsjutten hat, lyk as in hoanne, dy't mar 12½ sint wurdich is.

263. *Under de hoantsen útbret. (U.F.V.)*

Hoantsen binne earste fjochtersbazen. Fig.: immen dy't gau op'e team trape is, daliks ré ta de striid.

264. *Hwat hoarterich en stoatterich.*

Sa hij sa fij. Hinne en wer fan sinnen, nou skrieme, dan laitsje om it-selde stik. Nou it ien of oare oanhelje, dan forfije.

265. *It giet der oan 'e hoasbannen ta troch.*

Wurdt sein fan in rije hûshâlding, dy't gjin doel oer sinten hat.

266. *Hy is 't hoekje to boppe.*

't Gefaer is foarby, hy is der boppe op.

267. *Hy is al in hiel stik om 'e hoeke. (U.F.V.)*

Hy is al gnap op wei om syn doel to birikken.

268. *Flink út 'e hoeke komme.*

Flink op 'e lappen komme, b.g. mei in gave; ek rounút syn miening sizze.

269. *De hotte en de file oer inoar gear (ek: reitsje elkoar).*

Forkoarte: hottefylje. In wette waerd bynammen by âlds, ek hotte neamd. Sawol hotte as file brûkt men om izeren, stielien of koperen ridskip skerp of glied to meitsjen. Fig.: Twa gelikense krêften sette it tsjininoar yn 'e kant. It kin gean mei bitûfte setten, ek wol hurd om hurd. Slaende deiles.

270. *Kom ik oer de houn, dan kom ik ek oer de sturt.*

As ik de greate kosten fan in sack bitelje kin, dan sil ik it mei de omballingen, dy't der op ta wêze meije, ek wol rôdde.

271. *Hy fynt de houn yn'e pôt.*

(To witten om dy út to slikjen, dus is der neat mear yn). Bidoeld wurdt, hy komt as it miel dien is en der neat mear is to krijen. Oaren hawwe de sack al bipluze, hy rekket foarby.

272. *Hy hat dêr in houn giseljen sjoen.*

As in houn op in plak dêr't er gewoan wei net komt in ôfbrouwing kriget, dan komt er dêr net maklik wer. Sa'n straf op sa'n plak kin dus ta leksum wêze. Ek: hy hat dêr in ôflear hawn dat er dêr daelks net wer komt.

273. *Men moat bylye mei de hounen, dêr't men mei yn 'e bosk is.*

Jin skikke nei't selskip, ek yn 't byljen (blaffen). Iron.: It forkearde goed prate.

274. *De bêste hynders fynt men op 'e stal.*

Dus net op'e merk. Fig.: De fatsoenlikste fammen binne foar de feinten thûs to treffen, dy dangelje net op'e merk om.

275. *Hy slacht de hynders earsling foar de wein.*

Dus dwersforkeard. Fig.: Hy ûndernimt en bistjûrt syn saken forkeard.

276. *Wite hynders hawwe in bulle struijen nedich.*

Oars bliuwe hja net blinkende wyt. Mar dat kostet sinten. Fig.: Froulju dy't pronkje binne gâns jild fanneden.

277. *Dat siet lyk yn 't hûs.*

De evener stiet lyk rjocht. Fig.: It iene is net swierder as it oare. De rjochte mijtte, it goede wurd is jown.

278. *In glêdde iel by de sturt ha.*

It falt net ta in iel by de sturt beet to hâlden. Fig.: In wurkje by de hanne ha, dat net sa maklik ta in goed ein to bringen is.

279. *It is ieltsjebyt.*

As by't fiskjen de koark hurd ûnder wetter sjit en der by 't opheljen neat oansit seit men: 't is ieltsjebyt. Fig.: It binne biloften dêr't net op falt to rekkenjen.

280. *It iene skeint it oare net.*

As it spul skeind is (lett. skande oandien) dan mist der hwat b.g. in reauke is skeind as der in kopke of pantsje mist. Yn dizze ûntstridende sin wol it sizze: der miskearret neat oan, 't is allegearre (beide) like moai. Ironysk: It is allegearre like mâl.

281. *Wy sitte mei iepen hôf.*

Alle doarren steane iepen. Ek mei timmerjen as der in stik muorre omhelle is.

282. *It giet my troch ieren en sinen.*

It giet my troch it inerlik fan'e lea, troch alles hinne. It grypt my tige oan.

283. *Fan't great ieslok ite.*

It ieslok is in klampke hea, dat men fan 't blok of ú'te golle split en sa by de dei lâns de kij fan fuorret. Fig.: Wurdt dat sein fan immen, dy't yn Rykstsjinst is en dus fan in grote klampe syn gerak kriget. Ironysk fan immen, dy't ta de earmesteat forfallen is en it fan fâlden of diakens hawwe moat. Lok wol itselde sizze as gat, iepening; ek noch biwarre yn sâltlokje.

284. *Oan alle iggen en einen to koart komme.*

Gjin sinten mear hawwe, ynpleats dêrfan in poarsje skuld. Igge is: rânne, kant.

285. *Hy wol altyd fiif fearn foar jellen ha. (Fr.W.)*

In fearn is it fjirde part. Ironysk fan immen, dy't altyd mear hawwe wol as him takomt.

286. *De iene ken mear mei de pong as de oare mei 't jild.*

Bidoeld wurdt, dat immen sûnder kaptael it soms noch fierder yn 'e wrâld bringt, as immen dy't mei gâns in knoarre jild bigint.

287. *It jild waekst my net op 'e réch.*

Ik haw sa'n bytsje sinten, dat ik moat der tige kloek mei wêze. En ik kom der ek net maklik oan.

288. *Hy set it jild op 'e kant.*

Lett.: Hy set de gounen en ryksdaelers op 'e kant yn in doaske. By útwreiding: Hy biwarret in moaije slompe jild, dy't er daliks net foar syn tsjinst to brûken hoecht.

# K

289. *De kaeijen op'e kiste lizze.* (Fr.W.)

Yn it faillisemint gean.

290. *Alles oer ien kaem kjimme.* (ek: skeare)

Tige ginneralisearje. Minnen en bêsten foar gelyk oansjen, en dan leafst as gelikensen yn 't kwea.

291. *De kaert is forjown.*

De saek is bidoarn, it moaije is der ôf.

292. *Hy is út it kammenet rôlle.*

Yn it kammenet biwarret men de sinten. Dy kinne rôlje, brûkt men se dan rôlje hja. Fig.: Ut it kammenet. Brûkt men har om nije klean to keapjen dan giet it rôljen fan it jild yn it spraekgebrûk oer op de persoon, dy't yn 't nije pakje op'e lappen komt.

293. *Om 'e kant hinne prate.* (Fr.W.)

Hwat oantsjutte dat men net rounút sizze wol. Skynber as fansels, mar dochs mei doel yn 't praet earne op ynstjûre.

294. *Om 'e kant stippe.*

Net folle dwaen en noch al in bytsje yn 'e wapens wêze. Slacht op him, dy't wol mear kin, mar der net rjocht sin oan hat.

295. *Hy hat hiel hwat op syn kape.*

Mei kape wurdt bidoeld in holledeksel mei tige brede râinne, lyk as yn 'e 18e ieu de Fryske froulju droegen. Hat men der noch hwat oars op te sjouwen lyk as b.g. yn 't foarige de Saksyske porsleinwyfkes, dy't mei de koer op'e holle 't lân trochswalken, dan hat dy holle hwat to fornearen. Fig.: Gâns to forantwurdzjen hawwe, dat bynammen op'e holle oankomt b.g. it bistjûren fan twa boerepleatseen.

296. *Der kin gjin kat strûpt wurde of hy moat der by to to poathâlden.* (Fr.W.)

Der kin gjin blysunders foarfalle of hy moat der op'e noas by wêze. (Ek: om syn tsjinsten der by oan to bieden, it sij dy al of net winske wurde.)

297. *Hy mei net in sêdde kat sjen.*

Hy is sa ynfrettende gjirrich, dat er in oar sels it nedige forgunt.

298. *Hy smyt de kat yn 't jern.* (Fr.W.)

Mei dwersbongeljen de boel yn'e war stjûre.

299. *Nou komme de keallen út it hok.*

Nou sjocht men de wiere reden en tadracht fan de saek.

300. *Hy is yn'e heinste keap.* (U.F.V.)

Hy stiet foar syn partij oer yn'e minste kondysje, kriget it lytste part. Hein bitsjut oars tichteby, mar yn dizze sizwize is it hean (min, kwea, earm, skrael, skeamel).

301. *Yn 'e kears fleane.*

Stekt men by't jountiid in kears op dan komme de langskonkmiggen der op ta setten en baerne hja de wjokken. Fig.: Der ynrinne troch eigen skuld.

302. *Hy hat it efter 'e kiezzen.*

Hy hat it foar 't forstân, hy bigrypt in saek.

303. *Hy komt der net sùnder kleanskouren ôf.*

Hy kriget skea fan it saekje dêr't er yn sit.

304. *Sa sit de kleaune yn'e tiis.*

Sa sit de op it each ûnkleare saek dêr't men gjin tou oan fêstknoopje kin yninoar.

305. *De boeren hawwe de kleisykte.*

De kij krije tongbler en kleisykte. Sykte yn'e kleijen. Mei de boeren wurdt it bidoeld, dat hja gâns to kleijen hawwe of tige kleije kinne, towylst it eigentlik yn'e eagen fan 'e man, dy't it seit net sa need-saeklik is.

306. *Immen de eagen ticht klieme.*

Klieme is smarre mei kleverich guod. Kliemt men immen de eagen ticht, dan kin er neat mear sjen.

307. *Oer'e klink gean.*

It jild kwyt, bankrot slaen.

308. *It is dêr in klinete.*

In klinete is in hutte lyk as de wylde folken dy bouwe. Sa ek heide-hûskes, dy't yn 't foarige yn in etmel klear wienen. Gewoanwei is't dêr net bare skjin. Fig. brûkt men it fan in hûshalding, dêr't it wiif de boel forseauket.

309. **Kloetsje by de wâl lâns.**

De kloet is de lange stôk, dêr't de skipper syn fartûch mei fuort triuwt. By de wâl lâns is der net folle romte. Fig.: In krap bisteau hawwe sadat men it tige sunich útrekkenje moat.

310. **It beart as skuorde klokken.**

As de toersklok skuord is, heart it lûd falsk. Fig.: It jowt in forkeard lûd (rûzje tusken lju dy't gearlibje).

311. **Hy komt mei de klompen yn 't spul.**

Wurdt sein fan immen dy't plompwei syn miening seit. Yn in gesellige gearnkomste in domdryste slach doch.

312. **Fiks út 'e kluten sketten.**

Planten binne út'e groun kommen, dus út 'e kluten. Men brûkt dizze sizwize om oan to tsjutten dat immen tige groeid is, dus great wurden is.

313. **Op 'e kluten komme.**

Sizwize om oan to tsjutten dat men der finansieel boppe op komt of wer oan 'e betterjende hân is nei syktme.

314. **Hy hâldt fan'e souné knap.**

By 't kôgjen heart men in knaprich lûd. Knap wol dan ek sizze item. Wurdt sein fan immen, dy't in bulte fan in goede kost hâldt.

315. **De knepen yn'e mouwe ha. (ek: ynwindich)**

Fan immen, dy't forkearde hannewizen op in bidutsen manear útfiert.

316. **Dat is in knevel.**

In knevel is in sterke keardel. Sa neamt men immen, dy't hwat kin en oandoar. Yn ûngunstige sin yn gefal fan rou en hûrd wêzen foar syn folk.

317. **Immen of eat yn 'e knik ha.**

Immen yn'e gaten ha. It spul trochsjen.

318. **Hy knikt wis. (U.F.V.)**

Dy't mei 't knikkertsjen tige winne kin, knikt wis. Fig.: In man, dy't tige foar syn taek birekkene is, dy't aerdich winst bihellet.

319. **Dat rint oan 'e knikkert.**

Dat komt djûr.

320. **As de kniper op'e skine komt.**

As it der op oankomt, as it jin nei giet, as 't knypt, as 't bigjint to knipen.

321. **Hy is fan 'e knipe.**

De Knipe is in Frysk doarpke. Men wol dermei sizze: hy is gjirrich.

322. **It is sa knipt, it moat ek sa naeid wurde.**

Sa't de saek ôspraten is, moat it ek útfierd wurde.

323. **Immen de wurden mei de knyptange ta de hals úthelje moatte.**

Alle war dwaen moatte om immen mar oan't praten to krijen. It giet by bytsjes en brokjes. (Jildt fân ien dy't wol prate kin, mar net wol.)

324. **In kou in goune únder de sturt knoopje. (Fr.W.)**

De kou forkeapje foar in goune minder as men der earder foar krije koe.

325. **Wy sitte yn ús eigen koaltún.**

Wy binne op ús eigen gerjuchtichheit. Wy binne frij yn dwaen en litten. Nimmen oars dy't it hjir to sizzen hat.

326. **Koarte wurden en dy fêst, seit us heite, slute bést. (Burm.)**

In minske moat net folle wurden brûke, mar dy't er brûkt moatte fêstichheit hawwe en jaen.

327. **Hy kin net koart om 'e hoeke.**

Ek: hy is lang yn'e kriem. Hy is wiidweidich binammen yn wurd en riddenaesje.

328. **Jins eigen koarsten wol bite kinne.**

Sûnder oarmans help jins eigen net sa dik brochje wol biimmelje kinne.

329. **Alles foar swiete koek opite.**

Alles, al is it dat net oangenaem is, mar foar leaf nimme.

330. **'t Is koeke fan ien daei.**

Hja binne allegearre fan it selde skaei, dat komt út yn har wurd en wêzen.

331. **De koer op krije. (Fr.W.)**

Dien krije by in baes.

332. **Hy is troch de koer sakke.**

Hy liigde der earst tsjin oan, mar doe't er goed geweken nommen wie, kaem de wierheit al foar't ljocht.

333. **Dêr hat er kokhalzjen oan.**

Kokhalzje is mei lijen en tsjinsin it ien of oare troch de kiel triuwe. Yn'e tiid fan'e Godsoardielen moast de biskuldige faek in stik koarnbrea of tsiis trochslokke. Lokte it, dan wie er frij, oars wie er skuldich. Fig.: Dêr hat er lijen mei, dat kostet him ynspanning.

334. *Ut'e koker spylje.*

Gûchelders hiene faken in koker, dêr't hja foar de eagen fan 't publyk  
raer hwat úthelje koene. Fig.: It raer opsizze, nuvere útfallen dwaen,  
bynammen om de tsjinpartij binaud to meitsjen.

335. *It kompas wiist forkeard.*

Fan immen dy't in min sin hat, en him ek sadanich uteret.

336. *Hy slacht spikers mei koppen.*

Hy sprekt wisse wurden op syn pas, sa dat elk dêr de oertsjûging fan hat.

337. *Hy slacht de spiker op de kop.*

Hy sprekt in wurd dat der yngiet, neamt de saek by de wiere namme.

338. *Hy hat sawndûbeld fel foar de kop.*

Hy hat gjin skamte en giet brutael oer syn ûndogense streken hinne.

339. *De kost yn 't gasthûs hawwe.*

Yn 't gasthûs is't altyd folop fan iten en drinken. Sa kin fan immen  
sein wurde dy't op in maklike manear oan'e sinten kommen is en it  
der nou goed fan nimt, dât er de kost yn't gasthûs hat.

340. *Hy melkt de swarte kou.*

Hy docht wetter yn 'e molke, dy't er forkeapet.

341. *It hea op en de kou dea.*

Dus: krekt rounkomme. Bidoeld wurdt, de man is vrijwel op 'e selde  
tiid stoarn as syn sinten op wienen.

342. *Altyd it âlde kouwepaedtsje lâns.*

Kij kinne faken efter inoar itselde paedtsje yn 'e greide hâlde.  
Fig.: Jin hâlde oan in al nêst tiden oannommene gewoante.

343. *Hy sjocht it jild mei kouweägen.*

Hy bigreatet syn jild op mear as der is. Hy makket to greate fortarrings.  
It âld saekje is dat in kouweëach alles forgreatet.

344. *'t Is oft er yn kramtriedden hinget.*

In marionet hinget yn kramtriedden. Wurdt sein fan immen, dy't yn  
syn biwegings him as in marionet oanstelt.

345. *De krêbbe hinget dêr heech.*

As de hynstekrêbbe heech hinget moatte de hynders tige rikke om har  
foer to krijen en dan giet it noch mar by lytse bytsjes. Fig.: De lju  
kriege neat tofolle om to iten en to biten, it is dêr earmoedich.

346. *Fangt de fleande krie earne eat, ien dy sit kriget neat.* (G.J.)

Men moat jin op in paed bijaen, útsjen en yn 'e skrep wêze om hwat to  
bidjen.

347. *Dat sit lang yn'e kriem.*

De saek is gâns in set yn bihanling.

348. *Hy kin net koart krieme.*

Hy is omslachtich yn syn praet; kin net maklik út 'e rie komme.

349. *Der sit gjin kriich yn dy keardel.*

Hy hat krêft, doel, noch oanstriid om hwat foarút to kommen yn 'e  
wrâld.

350. *Immen by 't hert krije.* (Fr.W.)

Immen ta meilijen of help biwege.

351. *Hja hawwe noch gjin krimp.*

Hja hawwe noch nearne forlet fan (al dogge hja har dat al sa foar).

352. *Dou hast ta de bakker syn krintfet sitten.*

Tsjin immen dy't steden om 't gesicht hat.

353. *Ljepste hjoed, moarn meiste krippe.* (G.J.)

Hjoed fier springe, moarn krûpe. Jins krêft en moed kin yn in omsjoch  
op 'e ein wêze.

354. *In goede kroade hawwe.*

Bidoeld wurdt om der yn to sitten. Kroadet in oar jin dan, bynammen  
by in hichte op dan komt men maklik to plak. Fig.: Jin troch in oar  
oan in baentsje helpe litte.

355. *Immen foar de kroade ride.*

Immen, bynammen ien dy't net ien mei fan de skerpsten is, ta spot  
formale en foar it soaltsje hawwe.

356. *Hy kin syn kroadtsje der wol byskouwe.*

Hy past wol op dat er net foarby rekket. Ek: hy docht mei yn 't algemiene praet.

357. *It minskelibben is net altyd gjin rys mei rezinen, it is ek wolris  
groat mei krôdde.* (R & T)

Men kriget altyd net fan it lekkerste iten en drinken; men hat it yn it  
libben ek mei minder oangename dingen to krijen.

358. *Hy set in heech krop.*

Hy hat gâns forbylding fan himsels.

359. *It sit foar 't krús. (U.F.V.)*

It wol net flotsje mei de kealderij. De saek wol net rjocht fuortgong nimme.

360. *By immen yn 't kryt stean.*

Yn 't foarige waerd mei kryt op 'e toanbank immens sinten foar de ynkeapen oprekkene. Stie men yn 't kryt, dan hie men skuld.

361. *Der is ien (fan'e fiif) by him op 'e kuijer.*

Hy hat syn sinnen allegear net rjocht byelkoar; ek sterker: it maelt him.

362. *Immen ûnder de kwint hâlde.*

Immen lyts hâlde, dat er net tsjin jin yn giet.

363. *Men moat de kij troch de bek melke.*

Men moat it har goed jaen om goed molke to krijen.

---

L

---

364. *Dat is stryk yn 't laedtsje.*

Fan 'e tafel ôf kin men de sinten maklik yn 't iepene laed strike. Bidoeld wurdt: in moaije winst dy't men yn 't jildaed strike kin. (dér't men ek noch maklik oan kaem.)

365. *In oar laedtsje op'lûke. (U.F.V.)*

Lûkt men in oar laedtsje op, dan komt der hwat oars to sjen. Fig.: Fan immen in oar boekje iepen dwaen (en dat der net sa moai útsjocht).

366. *Ik haw him yn 'e lampe.* (U.F.V.)

De lampe jowt ljocht, men kin dér ek de minder moaije saekjes mei wiis wurde. Bidoeld wurdt: nei't my it ljocht it foarhâldt, doocht it net mei dy of dy persoan.

367. *Hy sloech my de lampe út. (U.F.V.)*

In oar hat al sein, hwat hja sels fan doel wienen to sizzen. Nou komt der neat fan jins eigen ljocht tolânné.

368. *Mei ien sé oan lân.*

Dat wurdt sein fan twa of mear saken, dy't tagelyk folbrocht wurde. Ek: de hiele nacht trochsliepe súnder wekker to wurden.

369. *Sa leit it lân net.*

Dat is: oars as heal en to healle foarsteld waerd. Fig.: Sa gunstich stiet it saekje net, sa binne wy net oerienkommen, sa komst net fan my ôf.

370. *Hy stiet dér ien lang twa breed.*

Hy siet dér loai en maklik, towylst er to dom is om it forkearde fan syn hâlding to bigripen.

371. *It is like lang as 't breed is.*

Dat wol sizze oer alle kanten gelyk. Fig.: It is likefolle fan hokker kant men de saek ek bisjocht, it komt jin fan alle kanten gelyk foar. It is my suver itselde (it iene of it oare).

372. *Hja smite de lapen by elkoar. (U.F.V.)*

Bidoeld wurdt de eigendommen, bynammen bisteande út de klean, dy't oarspronklik út lapen bistiene. Fig.: Hja sille trouwe.

373. *Lit ús de lape mar skuorre. (U.F.V.)*

As men dat docht, kin elts in part krije. Fig.: It forskeel tusken bod en eask diele. Dizze sizwize is wakkere hiem by féforkeap.

374. *Hy hat net folle om'e latten.*

Hy is (fiersto) licht klaeid. Ek: meager; wurdt ek al wol fan bisten sein.

375. *Ik hâld my de lea stikken. (ek: wurrich).*

Letterlik kin dat as men yn in binypye hâlding sit en men dus tige ôfmed rekket. Fig.: Jins hert fêsthâlde, it gefaer net allinne oankommen sjen, mar ek bang wêze, dat jo der net fan ûntkomme.

376. *It leit my forkeard op'e lea. (U.F.V.)*

Dan hat men it der swier mei. Fig.: Men hat in gefoel dat it saekje net doocht; men moat dêr folle oer neitinke; men is bang foar 't slimste.

377. *De leafde ta de neiste bigjint by jinsels. (U.F.V.)*

Egoistysk sizzen (of tinken) hoenear der oer neistleafde praet of preke wurdت; dus: ik tink earst om mysels en dan om myn buorman (as ik dêr tiid foar ha tominsten).

378. *Hy draecht leaver de lins as it tsjel (tsjil).*

De lins is in lyts plat stikje izer mei fan boppen in omkrol, dy't yn in smelle gleuf fan'e weinsearm stutsen wurdت, dat it tsjil der net útrolje sil. It tsjil is fansels parten en parten swierder as de lins. Wurdt fan immen sein, dy't de loaije kant neist is en it der altyd op oanleit om by't wark troch to strûpen.

379. *In stik lead op'e holle hawwe.*

Lead is swier. 't Slacht op dronkene lju, hwaens holwurk swier fan drank is.

380. *De lêste leadtjes weage swierst. (U.F.V.)*

In lead wie in áld gewicht. In áld lead wie 1/64 kg. In nij lead 1 dg. Fig.: It lêste fan in kerwei komt it der it meast op oan, om't jins krêften dan hast op'e ein binne.

381. *Immen út 'e leage waskje.*

Leage = „loog“. Immen út'e leage waskje wol sizze him flink ôfhim-melje op in net al to séftsedige wize, him op in hurde manear de wierheit sizze.

382. *Hy snijt it út heel lear.*

Hy docht syn wark as skuonmaker tige goed. Fig.: Kleare wyn skinke.

383. *Hy sil omstein leare. (U.F.V.)*

Dat is, hy sil oarsom stean moatte. Fig.: Hy moat der oan wenne om mei gâns minder troch de tiid to kommen as fan to foaren.

384. *Ik sil him opsitten leare. (U.F.V.)*

In houn leart „opsitten“, „sprekken“, „poatsjes jaen“ ensf. alles op kommando fan'e baes. Fig.: Ik sil him lyts man meitsje, dat er wolris in kear docht, hwat ik him siz.

385. *It liif op'e least ite.*

Set men skuon op'e least, dan binne se fol en sette der fan út. Fig.: Jin tsjok en roun ite.

386. *In oar leech lizze.*

Hwat men leech leit, rint net mear yn 't each. Fig.: Men docht op in oar ôf en bringt him op in plak, dat er foar 't publyk net heech mear stiet. Alteast dat is de bidoeling.

387. *Immen yn 't leech fierie.*

Ek wol: yn't únleech. Mei leech is hjiro bidoeld leechlizzend lân, dêr't men yn wei sakket. Fig.: Immen op in plak bringe, dêr't er yn 't lijen delsakket.

388. *It is de iene houn leed, dat de oare in bonke kriget. (Salv.M.S.)*  
De iene minske forgunt it goede aan in oaren.

389. *Hy moat altyd de lêste man de sek opjaen. (U.F.V.)*

De lêste sjouwerman de sek op 'e nekke sette. Fig.: De lêste wêze dy't ôfstekt b.g. út'e kroech.

390. *Immen fan'e soallen lichte. (Fr.W.)*

Him fan'e groun lichte. Oplichte, ôfsette by keap of forkeap.

391. *Hy die gjin lichten.*

Fan reinen seit men dat it licht, hoenear it yn 't oergean is. Fan minskien brûkt men lichten allinne yn'e únstridende sin, as hja net ophâlde wolle, mar trochsette om har sin to krijen.

392. *Sizze sa't it yn 't liet stiet.*

Op de man omt ôf de wierheit sizze.

393. *Nou sil 't in oar liet wurde. (Fr.W.)*

Nou wurdt it al oars, mar net better. Nou sille jo hwat ûnderfine, fornimme, dat jo sa goed net nei't sin is.

394. *Lige, dat it by de tsjerkelaeijen delrôllet. (U.F.V.)*

Dit slacht op in dûmny, dêr't men fan mient dat er lang net suver yn'e leare is, dus in leagenleare forkundiget. Alg. fan immen, dêr't men wierheit fan forwachtet, mar leagens to hearren kriget.

395. *As ik liich, dan liich ik yn kommisje. (U.F.V.)*

Hwat men yn kommisje hat, hat men fan in oar. Dus hirre: ik haw it sa fan in oar (foar wierheit fortellen) heard; is 't net wier, dan stiet it ûnjuste op dy oar syn rekken.

396. *De klean baerne my oan 't liif.*

Wie dat letterlik sa, dan soe men de boel gau útsmitte. Fig.: Gleon fan haest wêze, der op út moatte om in saek dy't driuwt.

397. *Ik haw der pine yn 't liif oer.*

Ik bin der frijhwat ûngerêst fan. Ik ha der noed mei, ik sit der oer yn soargen.

398. *Ut'e liken wêze.*

De liken binne de touwen, as seamen om in seil. By stiif waejen fjocht it doek der wolris út en docht dus gjin tsjinst mear. Fig.: As men sa forbouwerearre is, dat men net mear wit, hwat men dwaen of litte sil, ek troch oerspanning. Ek: wurch, ûngedien.

399. *Hy lükt de loaije line.*

It sa oerlizze dat men by 't lüken fan 't iene of oare net folle krêften to war set. Fig.: Net folle ta 't wark dwaen.

400. *De line om it hea lizze.*

Mei it tiemjen wurde tiemstok en linen om it healein, sa to sizzen fornint it hea der neat fan en dan is 't fuort ynienen: „fuort guds“! en de wurdze wurdt opjage. Fig.: Sêft en moai mei immen hinne prate, krekt sa lang, dat dy „immen“ fornint, dat it wie om ta eigen doel te kommen.

401. *Men kin him nei in stûrtsline fan'e pleats krije. (Fr.W.)*

In stûrtsline wie in boskje tou, dat men foar in stûr koft. Wie immen mei in stûrtsline fan 't sté to krijen, dan wie der net in stik tou ta nedich. Fig.: Sein fan immen dy't gau fan syn miening ôf to bringen is.

402. *Hy is sa linich as in lekken.*

Fan in minske, dy't rap fan liif en lea is. Fig.: Tige tsjinstich, freonlik en ynnimlik, ek de flikfloaijende, flaeijende kant neist.

403. *Nei de lodde rûke.*

Mei de lodde wurdt jins grêf groeven. Wurdt sein fan immen dy't it oan to sjen is, hy sil it net lang mear meitsje. Lodde is hirre dus in forsêfting foar grêf.

404. *Hy hat de lodde meinommen, nei 't plak dêr't er him delset hat.*

Dy't in lodde hat, kin dêr in grêf mei dolle. Men seit it fan immen, dy't gjin kâns hat om troch in birop of in oerpleatsing fan sté to foroarjen, en dus de iene of oare tiid dêr wol stjerre sil.

405. *Immen in loech òfsjen.*

Immen üngemurken, ünderdúmsk en op in gemiene manear forrifelje dat er jild of ek eare kwyt rekket.

406. *Immen in loer draeije.*

Hat wol hast deselde bitsjutting, mar dan mear de kant út fan it bidragen. De loer wie fan âlds in mei lear biklaeide houten fûgel, dy't de falkenier oan in line roundraeide, om de fûgels werom to lokjen.

407. *It lottet forkeard út.*

Komt fan lotsjen. It wol sizze, de útkomst is lang net nei winsk.

408. *Der lucht fan krije.*

Lucht komt fan it forgonklike, kriget men fig. earne lucht fan dan rukt men dat it saekje net doocht. Kriget in houn earne lucht fan dan rukt er de stank fan it forfolge bist b.g. fan in murd.

409. *Hy spilet mei lüktersaejen. (Lukas-aeijen Fr.W.)*

Hy siket útflechten.

410. *It op'e lumen lizze. (Fr.W.)*

Lûm = humeur. Jin nei immens lumen skikke.

411. *It spul hat luzen. (U.F.V.)*

Der miskeart hwat oan de saek, it is net yn'e heak. Bynammen by neijer undersykjen merkt men dat.

412. *Men kin in lûs net mear binimme as 't libben. (U.F.V.)*

Omdat er oars gjin eigendom hat. Fig.: In stienearm minske hat oars gjin bisitting as lea en libben.

413. *Dy't in oar kjimme wol, moat sels gjin lûs ha. (U.F.V.)*

Dy't in oar syn lek en brek oplêze wol, moat sels skjin op 'e hûd wêze.

414. *Lústerfinken doge net.*

Fan twa dy't súntsjes meiinoar prate yn selskip. Wurdt meastal út 'e gek sein.

415. *Men hat it slimmer mei de niten as mei de luzen.*

Bidoeld wurdt, dat lytse lju, dy't in amt (b.g. yn rykstsjinst) hawwe, folle lestiger binne as hja, dy't in pear trimen heger steane.

416. *Lije as in putheak.*

Mei de putheak slacht men alle dagen yn't kâlde wetter om fan baksaeđ of grêft. Lije fan 't arbeidzjen, al den dei yn waer en wyn.

417. *Hy is in lijer fan syn kaptael.*

Wurdt sein fan immen, dy't genôch jild hat en dochs ûngelokkich, om't er to deun is en tar der fan.

418. *Harkje oft jin lije molke yn'e earen getten wurdت. (Of: lij wetter)*

Sa dat it jin noflik oan docht.

419. *Immen op'e lije side oankomme.*

Lij is sa'n bytsje waerm. Immen freonlik oankomme, dat er mei in bytsje waermte him ta jins doel bijowt.

---

# M

---

420. *Maeije meitsje.*

Maeijedei is de tsjinstitid út; giet men midden yn 't jier út tsjinst dan makket men maeije, hoewol't safier noch net is.

421. *De maeitsen wrotte harsels út it spek. (A. 452)*

Wielde ken har eigen lok net.

422. *Hy is in hurd man op in weak tsiis.*

Hy sakket der yn wei. Fig.: Heart men him, dan soe men sizze: hy stiet nearne foar; sjocht men him, dan sakket er wei.

423. *Hy past op dat er de moaije man bliuwt.*

Hy tinkt der om dat hy yn 'e gunst bliuwt: hy lit oaren de kastanjes út it fjûr helje (al is er der sels ek skuldich oan dat se der yn kamen).

424. *Jins eigen man wurde.*

Sels baes wurde. Gjin forplichtings mear oan in oar hawwe.

425. *Op eigen manneboet(e).*

Is eigentlik op eigen ban en boete. Joech áldtiids de hear, dy't regearre in bifel, dan hijtte dat syn ban, folge men dat net op dan krike men boete. Gyng men der tsjinyn, dan moast men de gefolgen ôfwachtsje, dy wiene foar eigen forantwurding. It wol nou sizze: in ding sels úthelje sùnder forantwurding oan in oar to jaen, hoewol sa'n „oar“ der mooglik rjocht op jilde litte koe.

426. *Immen it mannewaer opsizze.*

Mannewaer is in forbastering fan manuael: deiboek. Wol dus sizze dat men immen syn dwaen en litten, bynammen syn lekken en brekken, dy't har de dei láns by him oppenearje, foarháldt, fral om him lyts to hâlden of to krijen.

427. *Hy is mânsk boppe de skouders. (Fr.W.)*

Ironysk fan immen dy't in steil wurd hat, mar as it der op oan komt gjin kréftich man blykt to wêzen.

428. *It mâl fel oan.*

Min to brûken wêze. As men in kou net krije kin, om't er him mâl foar docht. Slacht gewoanlik op in koart setsje tiid.

429. *Immen troch 't marchhoarntsje fuorje.*

It marchhoarntsje is it trachterke om woarst to stopjen. Fig.: Immen in bytsje to iten jaen.

430. *It kin in master misse. (lit stean fan in broddeler)*

De knapste makket wolris in flater, dêr kin de gewoane man him mar oan treaste.

431. *De plasse mealte him.*

Hy is (liket wol) gek.

432. *Immen oer it mêt (mad) komme.*

Unfortochts flak by immen wêze of komme, meastal mei 't doel him earne op to bitraepjen.

433. *Hy komt fan alle merken wer thûs.*

Hy kin it nearne net lang úthâlde of nearne plak fine.

434. *Syn mês snijt oan twa kanten.*

Hy hat oan twa kanten prefyt, b.g. in notaris dy't sawol fan de keaper as de forkeaper syn persinten bart.

435. *It kin net troch de mesken.*

Mesken binne iepene romten fan it fisknet. Kin in fongen fisk dêr net troch dan sit er. Fig.: Kin de ien of oare saek net neffens rjocht en wet bisteant dan sit it fêst, d.w.s. yn dit gefal, dan is de saek net soun oan 'e lever.

436. *Hja lûke 't seil heger as de mêt.*

Hja libbe boppe harren stân.

437. *It wurk giet my oar de meuch.*

Meuch sil hjiir wêze: formogen. De sizwize jowt dus oan dat it wurk jin boppe it formogen giet, dat men al wurkjende ûnderfynt, dat it to bot oankomt.

438. *Hy wol de midden en de beide einen ha.*

Dus alles. Hy is ynklausk, hellet alles nei him ta, bynammen as der eat to forpartsjen falt.

439. *Ut 'e mik(ke). (Fr.W.)*

In mik tsjinnet om to skoarjen, nimt men dy to gau wei, dan rint it mis, dan kin it skoarre diel maklik omfalle. Fig.: It is net yn'e heak, it is forkeard. Rint men jin út 'e mikke, dan is men efter de pûst en is ek oan it omfallen ta.

440. *Mis is wer.*

Men seit dat as in earste slach mislearret en men it mei in nijenien bisykje sil.

441. *Dêr kin men lang moai mei wêze.*

Moai is hjiir ironysk bidoeld. Slacht op in úngemak dat men bihelle hat, in feech of in stjit of in smeet, dêr't men gâns in setsje mei opskipe sitte kin, ear't it wer better is.

442. *Dy't moai wêze wol moat pine útstein.*

Sloech bg. yn 't foarige op lju dy't in rinkje yn 't ear hienen. Nau passende klean, dêr't men in moai figuer mei meitsje kin, knipe ek wol. Moaije klean keapje komt op 'e pong oan, dus dy moat útjaen, „bliede”.

443. *Hy past op dat er de moaije man bliuwt. (U.F.V.)*

Hy bliuwt mei striken en flaeijen yn 'e gunst (bynammen by de heger-ein).

444. *Hy hat in slach mei de moalpûde hawn.*

Kriget men mei de moalpûde om de earen, dan rekket men ûnder it moal. Fig.: Fan immen dy't mei alle fiif in bytsje yn 'e war is, dêr't dus in bytsje stof op leit.

445. *Der bliuwt gjin moard forhoalen.*

(Al sille de roeken it útbringje). Gewoanlik komt nei goed ündersyk wol út hwa de moard op syn gewisse hat. Fig.: Hwat men earst stil hâldt, komt op 't lêst noch wol yn 't publyk.

446. *Nou kaem de moard út. (U.F.V.)*

It lekke út hoe't de saek yninoar siet; men waerd de wiere tadracht gewaer (, en dy wie fier fan moai).

447. *Syn moarnspræt en syn jounspreat komme net meinoar oerien.*

Hwat er de moarns seit, strykt net mei hwat er jouns fortelt; hy is gjin man út ien stik.

448. *Dêr is modder oan 'e kloet. (Fr.W.)*

Mei de kloet triuwt men it skip fuort. Stekt men dy yn 'e weake groun, dan bliuwt de modder der oansitten. Fig.: Wurdt dit sein fan immen dy't aerdiich sinten hat, bynammen fan in heit mei dochters, dy't dêr-troch by de feinten yn in goed bledtsje komme.

449. *De moedfearren hingje litte. (V.F.)*

As de hoanne kraeit, komme syn fearren fan 'e wjokken yn 'e hichte, miskearret him hwat, dan kraeit er net, en lit er dus dizze fearren, dêr't syn moed út sprekt, stil gewurde, noch mear hingje as yn syn soune tiid. Fig.: As immen him troch de tsjinstuiten fan it libben delbüge lit en gjin moed mear foar de takomst hat, dan lit er de „moedfearren hingje”.

450. *Immen troch de moster fiterje.*

Men brûkt dizze sizwize foar immen, dy't oanset wurdt om it wurk to forjochtsjen, bynammen op it lân yn waer en wyn en troch wetter en weaze.

451. *Dér is de razene mot yn.*

Dit seit men fan klean, dy't brekke fan slitaezje.

452. *Eat yn 'e mot ha.*

In ūngunstige saek bigrepen ha.

453. *Dér is mot om 'e teannen.*

Der binne (meast lytse) minsken om jin hinne dy't neat witte meije en it dochs graech wolle.

454. *It is in makke mouwe.*

It spultsje is foartiid al klear makke, sahwat mûjender wize, (tomûk).

455. *Hy rint mei mountsjes.*

Hy is yn 'e war, net goed mei de holle.

456. *Hja is har mem út 'e mûle stapt. (U.F.V.)*

Liket suver krekt op har mem.

457. *Hy praet mei de mûle, dêr't er brij mei yt.*

Hy is in praetsjemakker. Syn praet hat net folle to bitsjutten.

458. *De mage sil wol tinke, dat de mûle him ophinge hat. (U.F.V.)*

Ironysk as men in hiele tiid gjin iten hawn hat.

459. *Hja sprekke út ien mûle. (Fr.W.)*

Hja sizze beide itselde, krekt oerlein spul.

460. *Ut twa mûlen sprekke.*

D.w.s. de iene kear gâns oars as de oare.

461. *Earne de mûle oer spiele.*

Op in kweasprekkende wize ôfkieme en foroardielje; in oar syn kwea mei opsetsin, ûnder moaiskyn, mar mei forhoalen wille, útmjitte.

462. *De mûle yn beide hanner hawwe. (V.F.)*

Dat kin fansels nea letterlik. It bitsjut to gau, to folle en to faek hwat sizze. Altyd foaroan wêze mei de mûle.

463. *Mûlyp wêze.*

Hwat ryp is, is ré foar de tsjinst. It wol sizze: de mûle is altyd ré om hastich it (meastal goede) andert to jaen.

464. *Earne muoilik ûnder wêze.*

Oandien, dat men der fan bigjint to skriemen.

465. *De müzen lizze dêr dea foar de spine. (U.F.V.)*

Spine = kast, iterskast. It wol sizze dat it yn sa'n wente krap omkomt.

# N

466. *It is nacht yn 'e nane.*

Nane = widze. De saek stiet der tsjuster foar.

467. *Dy't nachts fisket, moat deis netten druife.*

Dy't nachts yn 'e baen is, moat op de dei, dy't foar wurktiid ornearre is, him ek warre. Bynammen tsjin fammen dy't nachts in feint hawn ha. Elke died hat syn gefolch.

468. *Naeije mei in gleone nulle en in baernende tried.*

Eat tige hastich biskreppe. Fansels is 't wurk dêr dan neffens.

469. *It kin gjin narjen útstean. (lige)*

It is in tear saekje, dat net wreed bihannele wurde mei.

470. *It near der opilzie.*

By publike forkeap fan immen it rjocht hawwe dit to forhinderjen, it near (Ald Frysk: niar) der op to lizzen. Fig.: It wurk foridelje, it plan tsjingean.

471. *De near(r)ing staf meitsje.*

Near(r)ing is forkeap, bynammen fan winkelguod, wurdt dy staf dan forrint it saekje, makket men dy staf, dan is men oarsaek dat dy op 'e ein rint. Staf is ek: dom, ûnbigriflik. „Sa staf as in âld hin.“. Ek dôf: „Omke kin noch wol út 'e wei komme, mar hy wurdt frijhvat staf“.

472. *It baernt op 'e neil. (V.F.)*

De need is heech, der moat tige noed fan 'e lêste sint stien wurde.

473. *Immen it fel oer 'e nekke helje.*

Grou en sûnder meilijen bitelje litte.

474. *Hy hat in wyld hier yn 'e nekke.*

Hy is lossinnich.

475. *Ik sil dy alles net oan 'e noas hingje.*

Alles net sizze hwat ik wit.

476. *Dy't in noas hat, kin it mar rûke.*

As men fornimit hoe't de wurden bidoeld binne om jin fan in forkearde lucht to biskuldigjen.

477. *Dat giet myn noas foarby.*

It rûkt lekker, men tinkt oan goed iten en men kriget it net. Fig.: Men komt net yn oanmerking. It part, dêr't men al op longere en dat al flakby like, is foar in oar ornearre.

478. *Skean by de noas delsjen.*

Dat docht men as men toloarsteld is, ek as men biteutere is. Dus yn gefallen dat it net meiwierret.

479. *Immen hwat únder 'e noas wriuwe.*

Bidoeld wurdt eat dat net lekker rûkt (, dus om him to narjen). Fig.: Him únderdúmsk hwat ûnoangenaems sizze, of earne de skuld fan oanwriuwe.

480. *It wol yn 'e noas hawwe.*

It wol rûke. Fig.: Wol fornimme, hwat der tsjin jin úthelle wurdt.

481. *Hy moat rounom op 'e noas by.*

Oeral der flak by stean to sjen en it spul opnimme.

482. *Hy hat noct oan unnocht. (Fr.W.)*

Hy hat wille mei it forkearde en is bliid dat der hwat forkeards úthelle wurdt.

483. *Der noed foar stean.*

Der mäl mei wêze, sadat it net yn gefaer komt om skeind of wei to wurden.

484. *Der noed mei hawwe.*

Bang wêze dat it net goed komt.

485. *It op jins noed nimme.*

It biannelje oft it jins eigen is en biwarje.

486. *Mei hoed en noed.*

Sa wurdt it lân forkoft mei alle noeden en soargen. Dus mei de noed, dy't men der fan út to stean hat, om 't waer en wyn faek tsjinwierje en alderhande tûch en úngedierte de frucht forniele kinne.

487. *Ik sil 't mar noedzje.*

Ik weagje it der op (it komt dan sa't it komt).

488. *It rint op 'e non. (ek: nûn)*

De non is it kopke op 'e jongestoppen. Steane dy op 'e kop, dan soene hja op 'e non komme, mar dan draeije hja net dat it makket. Fig.: De saek stiet op 'e kop, it giet forkeard.

489. *Immen it nijjier ôfwinne.*

Immen foar wêze, oer 't mad komme, eat foar de noas weikape.

490. *Yn it nijgers komme. (Fr.W.)*

Nei it meanen sjit it nijgers út. De kij hawwe dan ek al sa'n set yn 't âldgers roan, dat it bêste is der frijhvat ôf. It farske nije gers is gâns lekkerder en streksumer. Fig.: It skoan nei 't sin krije op in plak, dêr't it goed wenjen is. Ek: as in widner mei in jong faem trout.

# O

491. **Oalje yn' e lampe hawwe.**

Jild of/en forstân hawwe, sadat men jin flink rêdde kin.

492. **Dér't neat fan oan is, dér komt ek gjin praet fan.** (Fr.W.)

Om't der oer praet wurdت, moat it minstens foar in part ek wier wêze.

493. **It is har skuld net dat de oarloch sa lang duorret.** (U.F.V.)

Yn oarlochstiid binne de soldaten lang fan honk, trouwe se dus net sa maklik. Slacht op in faem, dy't net al to jong mear is, wol sin oan trouwen hat, en dochs gjin oansyk kriget. Ek: hja hat it krûd net útfoun, is net bare snoad.

494. **Dér sit de oast.** (V.F.)

Dér sit de knoop. It hurde plak dér't min troch to kommen is.

495. **Men kin op alle oasten de bile net sette.** (Fr.W.)

Men kin net al to strang tasjen, alles net al to slim oanrekkenje.

496. **Oates en toates, ek wol: hoates en toates.**

As men by immen oates en toates is, dan wurdت men troch him tige oanhelle. Dat bynammen fan bern by greateren. (Men wurdت dat b.g. mei jins bêste side sjen to litten).

497. **Hy is oerémis.**

Dit komt fan it Latynske oremus (eig. lit ús bidde). It bitsjut nou: hy is hielendal oerstjûr, oeral.

498. **Hy sit op'e oerhael.**

In oerhael is in oerset op 't wetter. Dit wurdت sein fan immen, dy't yn in selskip iderkear thé of kofje oan in oar oer to rikken hat.

499. **Dy kou hat de pong om 'e hals.**

It beest is ryp en toant op 't bêst, hy is op dit stuit it measte wurdich; it is nou de tiid fan forkeapjen.

500. **Foarby mei neat der ta, dat is twa gerjochten en gjin omslach.** (sechje Fr.W.)

Nearne wark fan, mar dan ek gjin iten, en fansels gjin spek of fleis op 'e dis.

501. **Jins eigen wurden wer opite.**

Hwat men sein hat (bynammen yn misledigjende sin) werom nimme.

502. **It is in opstutsen spul.**

It is in saek, dy't foarôf al opmakke waerd en op de tiid dat de slach falt yn 't publyk komt.

503. **De bakker is troch de oun flein.**

Hy is faillyt rekke.

# P

504. *Ik moat altyd de pap kuolje.* (F.W.)

It wurdt altiten op my forhelle. Ik moat it altiten ûntjilde, bilije.

505. *Hy pankoeket sahwat om.*

Hy docht net folle, mar hy is dêrom noch wol sa'n bytsje warber.

506. *It op 't rammeljen fan 'e pels oankomme litte.*

Soargeleas libje; ôfwachtsje hoe't it komme sil, sûnder de hinnen ta ôfwar fan de kâns op misbitearen, út to stekken. De pels: de rokken, dy't in vrou oan hat.

507. *Hoe fet sopje oarelu's petiellen. En buorlu's kij jaen greate miellen.* (G.J.)

Men sjocht wol dat it jins evenminke goed giet, mar de tsjinstuiten merkt men net op. Ek: it is in minske leed as it syn neiste goed giet.

508. *In smoarge piip smoke.*

Der raer foar wei komme, mei skea, en dat net sa'n bytsje.

509. *Hy jowt gjin pipe fan in fiter wei.*

Oan in skuonfiter sit op'e ein in blikken pintsje: de pipe. Hwa dy net wei jowt, is dus wol gjirrich.

510. *Eat út 'e pinne kinne.*

Pinne slacht hjir op it bouwen fan in hûs. Men plichte alear it timmerwurk mei pin en gat oan elkoar to setten. Eat dat út 'e pinne makke wie, wie sterk en bêst, tige by tige. Hjir dus: eat tige goed kenne en kinne.

511. *By de pinken wêze.*

In pinke wie in flugge fiskersboat. It wol dan ek sizze: by der hant wêze, foar jins wûrk birekkene. Faek der by: moarns bitiid, (en dan al oan 't wûrk).

512. *Hy is sa glêd as in pipermûs.* (Fr.W.)

Sa earm as hwat.

513. *De plasse meal him.*

Syn forstân is yn'e war. Dit slacht op: foar in set, ek: oer in saek.

514. *Doe't de plichten út wienen, kamen de pleagen oan.* (U.F.V.)

Plichten, yn dit forbân: hwat plichte to wêzen. Pleagen = it lijen; men jowt sa'n andert oan immen, dy't wakker heech fan de âlde tiid op-jowt: it plichte sa en sa to wêzen, yn't foarige in stik better as nou.

515. *Immen mei plomkebiezems ôffeije.*

In plomkebiezem is ien fan fearren. Soe men in minske dêr mei ôffeije, dan wie it mear bidoeld as in aeijen dan in skjinmeitsjen. Fig.: Immen noflik wêze mei jins praet, bynammen syn deugden útkomme litte.

516. *Immen de poartteam oanlizze.*

De poartteam leit men it hynder yn 'e bek om him yn bitwang to hâlden. Fig.: Immen under taforsjoch hâlden dat er gjin oare kant út kin as men him ha wol.

517. *Raer op 'e poat spylje.*

Bolderje, opspatte en opspinne.

518. *Hy moat poat-oan.*

Tige arbeidzje, dêr't syn fuotten (grou: poaten) him by tsjinje moatte.

519. *Dat is in raer stik potiten.*

In unoangenaem minske mei alderhanne rare útfynsels en malle oan-slaggen (en dy't it dochs net sa min mient).

520. *Hy kin op 'e poat sûge.*

Op hwat tidigje, dêr't min by to kommen en neat út to heljen is. Lett.: Hy kriget neat to iten of to bitten.

521. *Hy stiet op syn efterste poaten.*

Docht in hynder dat, dan is it lûken him net nei 't sin. Fig.: Hy wol net om 't lyk, hy is min to brûken.

522. *It bern sit wakker yn'e pogge.*

It bern kwynt, der sit gjin groede yn.

523. *It eint as in pod op 'e kluten.* (U.F.V.)

In pod kin op'e kluten net sa hurd út 'e wei komme. It sjit neat op. Der sit sa goed as gjin avensaesje yn.

524. *Men kin in pod sa lang wol traepje dat er barst.*

Der komt ienris in ein oan alle geduld en lankmoedigens.

525. *Hy moat mei pompen boppe wetter bliuwe.*

In âld lek skip hâldt men mei pompen (wetterreazen) boppe wetter. In swak lichem wurdt mei alderhanne middels, krekt sa libje en krekt dat iten foar de dea biwarre. Ek: mei kunstmiddels in efterútgeand saekje biwarre foar folseine úndergong.

526. *Dat rint yn'e papieren.*

Bidoeld is hjir papierjild. Wurdt sein fan djûr spul. Ek: it wurdt sa djûr, hjir moat ik my earst oer bitinke.

527. *De pong net yn'e wyn opsmite kinne.*

Is in lege beurs hawwe. Dy is licht en waeit foar de wyn ôf fuort.

528. *In lege pong moannet fûl. (Fr.W.)*

Immen, dy't sels om jild forlegen is, kloppet it fûlst oan by skulnders om him to biteljen.

529. *De knoop (of de kaei) op'e pong hâlde.*

Yn't foarige biwarre men de sinten gewoanlik yn in pong dy't men ticht knoope (of strûpe) koe. Hâlde men de knoop der op, dan koe der neat útkomme. Fig.: Hy wol leafst gjin sinten útjaen.

530. *Hy hat de kramp yn'e pong.*

Hy hat gjin sinten mear.

531. *De prikken yn't wûrk stelle (sette). (U.F.V.)*

Ré wêze om goed op to arbeidzjen. Regelingen treffe om to helpen.

532. *De prûl hingje litte. (V.F.)*

Bern prule (tsjânselje, skrieme) om't hja har sin net krije kinne. Hja litte by gelegenheit de prûl = har lippe mismoedich hingje.

533. *Earne oer prûste (ek: tsjin oan prûste).*

Earne tsjinoan sjen om't it in slim kreweike is.

534. *Dat is in pûster.*

Op it damboerd, as men slaen kin, jins bar oergean litte. Fig.: Net opasse as it tiid is, en dêr skea fan krije.

535. *Immen in pyk sette.*

Immen eat foardwaen hwat er net neidwaen kin of doar. Fral brûkt troch jonges by't sleatjespringen.

536. *Hy hat syn pylken forsketten.*

Ek: Hy hat syn krûd forsketten. Hy hat gjin forwar, gjin arguminten mear. Hy is op'e ein fan syn wysheit; ek: fan syn sinten.

537. *Hy is pypdop.*

Hy is der út (bynammen út 'e sinten), ek wol ironysk foar: hy is dea.

# R

538. *Immen fan'e ra rinne litte. (Fr.W.)*

Immen efter syn rêch om birabje. Syn (ek forûnderstelde) kwea útmijtte.

539. *Hja kriget it rak om'e hals. (Fr.W.)*

It rak wurdt it linnen oan droege. Fig.: Hja kriget fan alles de skuld en de skea.

540. *It minste ras hat it measte gekras.*

It minste slach fan folk komt it measte mei syn op- en oanmerkings op'e lappen.

541. *De reap is draeid.*

It spul is klear. Reap is in soarte fan tou, fan strie yninoar draeid.

542. *Op reapsein wêze.*

Gjin sinten mear hawwe en ek gjin kredyt.

543. *Dy't mei it reau út is, is mei de fijân op'e wei.*

It reau is it fordek of glêzen weintsje; mar om't it hynder dat der foar rint, op'e rin gean kin, kin men in smeet lyk as fan in fijân oprinne.

544. *Hy hat Evert op'e rêch.*

Hy forbyldt him dat alles to hjit en to swier is en dêrom bisiket er om by't wûrk troch to kommen. Hy is lui.

545. *Immen op'e rêch oansjen. (U.F.V.)*

Dan is hy yn't fuortgean. Fig.: Men achtenearret him (om in lyts misstapke of hwat dêrfoar oansjoen wurdt) net safolle mear as yn't foarige.

546. *Hy is stiif yn'e rêch. (U.F.V.)*

Ek: hy is in man mei in rêch. Dit lêste komt fan in man dy't flink rjochtop giet, de rêch sa'n bytsje ynlutsen. Fig.: Hy is in man mei jild.

547. *In brede rêch hawwe. (U.F.V.)*

Op in brede rêch kin folle hwat der tsjin oansmiten wurdt, ôfstuitsje. It wol wend wêze sûndeboek to wêzen, mar it let jin net. It forwyt en de kwealaster stuit wol op jin ôf.

548. *It by de rêch del glide litte.*

As men it iene of oare to sjouwen hat en men hat jins nocht, dan kin men it falle litte. Fig.: Binne der dingen, dy't in oar jin oanwriuw, dy't bidoeld binne as in lêst foar de persoan, en de man bikroadet him der net om, dan lit er it stil by him delglide. Ek: jin net oan'e kâlde klean komme.

549. *It spul leit op 'e rêch.*

As in minske op'e rêch leit, kin er him net botte bêst fowarre, leit dus in saek fig. op'e rêch, dan wol dat sizze, dat dy net folle mear hat om by to setten, sa goed as op reapsein is.

550. *Hy hat der in rêch útskuord (ek wol: in ribbe útsnien).*

De rêch (ribbe) fan in slachtbist is in lekkere bout. Dêr sit aerdich oan to plûzjen. Fig.: As men in saekje op to knappen hat, en kriget der sels in himmel partsje fan, dan kin der sein wurde, dat men dêr in lekker hapke oan to tankjen hat.

551. *Ut'e rêdding wêze.*

De rêdding is jins ark foar hûslik gebrûk. Is men dêr út – d.w.s. kin men jin der net mear mei bimuoije – dan is men net rjocht yn oarder, min ofte mear siik.

552. *Earne gjin regaed op slaen.*

Regaed komt fan it Frânske: regard = oandacht. Earne net om tinke, hoewol't men wol hwat fornimit.

553. *Krekt foar de rein thûs.*

Foar it gefaer feilich binnen.

554. *Dy rein kin ús ek bidrippe. (Fr.W.)*

Warskôgjend: sa'n ûngelok kin ús ek oerkomme.

555. *As 't brij reint, lizze myn skûtels altyd omkeard. (Fr.W.)*

Alle foardieltsjes geane my altiten foarby.

556. *Hy rekken him ryk en telt him earm.*

Hy mient dat er in grote winst meitsje sil en as it oan 't jildtellen ta is, dat er bard hat, dan bilytset it him danich.

557. *In misse rekken meitsje.*

Bidragen útkomme, towylst men jin noch al hwat foarsteld hat.

558. *It rib hinget dêr heech.*

As it rib heech hinget moat it hynder him rekke om der by to kommen. Kin dus mar by lytse bytsjes hwat krije. Fig.: Earmoedich spul, net tofolle yn 't liif krije.

559. *Hy is troch't rib fuorre.*

Hat in skriele koken hawn, syn meagerens wiist dat út.

560. *Hy wol dêr in ribbe út snije.*

Hy hopet op foardiel fan dy saek.

561. *Alle rieders binne gjin dienders.*

In rieder is immen dy't gau rie jowt. Mar net elk hannelt sels neffens de rie dy't er in oar mient jaen to moatten.

562. *Hy is alhiel ridderslien.*

Waerd men alear ta ridder slein, dan kaem men heech yn oansjen. It wird hat nou krekt oarsom in ûngunstige bitsjutting = men mist alles en sjocht gjin útwei.

563. *Dy't net to rieden is, is net to helpen. (Fr.W.)*

Hy wol gjin ried oannimme, it giet forkeard mei him.

564. *Rikefleis duorret it langst. (Fr.W.)*

Ironysk as der danich smookt wurdt.

565. *Rikelju's sykten en earmelju's pankoeken rûke fier. (Fr.W.)*

As in rikenien siik is, praet elk der oer, stiet dêr soms hwat fan yn 'e krante; as in earmenien oan't pankoekbakken is (hwat men letterlik ek rûke kin) dan wurdt it him faeks noch forgund dat sok spul der foar him oersjijt: sadwaende wurdt it praet deroer ek fier brocht.

566. *Der rint in streekje troch, mei him.*

It is mei ien fan'e fiif net rjocht plûs.

567. *Immen 't hûs fan it sté rinne.*

Tige faek by ien út en yn rinne, sadat it mar in lêst wurdt.

568. *My eanget rju foar 't rabjen fan de lju. (G.J.)*

Ik haw it der gâns mei to dwaen as de minsken sa oan 't rabjen en kweasprekken binne.

569. *\*t roait igge noch seame. (ich noch seam).*

Igge is de wetterkant, seame de lânskant. Fig.: Hwat men docht kin der net op lâns, giet fierstento fier, kin noch op de iene noch op de oare wize in kant út, is net goed to karren. Roaije is sà de hân útstekke, dat hwat men fuortgoait, op it rjochte plak to lânne komt.

570. *Roasje soargje litte. (V.F.)*

Der mar net oer prakkesearje hoe't it komme sil (hoewol't it eigentlik forkeard liket).

571. *It rint my út it roer.* (A. 596)

As it skip út it roer rint, bûten de koerts giet, kin ik net stjûre. Ik haw gjin krêft genôch om de saek to bistjûren lyk dy it foreasket; ik haw to min jild om de saek fuort to setten, ik kin net krije, hwat ik my foarsteld hie.

572. *It roer moat yn 't wetter bliuwe.* (Salv. M.S. 80)

Ek: Der moat foet by stik hâlden wurde. Alles moat op syn plak bliuwe, oars rint it forkeard.

573. *It op 'e ronge slypje (slepe) litte.* (Fr.W.)

De ronge is in bout ta it forsterkjen fan swiere doarren, ek de opsteande izeren of houten speaken aan elke side fan'e heawein ta stipe fan'e sydberjes. Dy moatte frij draeije kinne, oars slipt it op de ronge. Fig.: It spul gewurde litte, al hinget it der bryk foar, it útsloere litte.

574. *Hy hat der de rook fan krike.*

Hy hat fornommen op hokfoar wize de saek yninoar set waerd, is efter itjingé kommen, dat him oan't nou ta forburgen wier.

575. *Dy't glêd is freest de roskaem net.* (Fr.W.)

Dy't neat op syn gewisse hat, kin in oar mar prate litte.

576. *In âld rôt yn'e stap.* (falle) (Fr.W.)

In âld rôt komt net maklik yn in stap, dêr is er fierstento foarsichtich ta. Fig.: In liep âld baes „der yn“ rinne litte, forrifelje, to fiter hawwe.

577. *De wrâld is rûch, dy't him net rôdde kin is slûch.* (A. 428)

Rûch wol hjir sizze: ûnbislippe. Slûch: net rjocht by de tiid. Bidoeld wurdt: nou't de wrâld fol ûngerjuchtichheit sit, moat men it sels ek net al to nau nimme, hwant dan lûkt men aan de koartste ein. Dit is dus in egoïstske sizwize.

578. *Rûch op'e bûse wêze.* (Fr.W.)

In moai soad sinten hawwe om ú to jaen.

579. *Hy giet der rûch yn lâns.* (A. 562)

Hy makket gjin moai wûrk. Ek: Hy is in rûchhouwer, hy hout der rûch mei it jild om, hy makket de boel op.

580. *Hy is in bytsje rudich.*

It is mei syn gewisse net al to suver.

581. *Hy hat der gjin rûk oan.* (Fr.W.)

Hy is der alhiel net foar birekkene, hy kin hwat syn kundichheden oanbilaget by in bipaeld persoan net yn't skaed stean.

582. *Immen yn'e ruften lizze.* (Fr.W.)

Immen der yndraeije op in bitûfte en moaije wize.

583. *Rijens is gjin rynskens.* (útspr.: riinskens)

Rij = net sunich, Rynsk = myld. It wol dus sizze dat men it iene net foar it oare hâlden moat.

584. *It ryk allinne hawwe.*

Allinnich thûs wêze. En dus op dat stuit sels baes.

585. *Mei 't ryk op'e dyk wêze.*

Jins hiele hawwen en hâlden to pronk sette.

# S

586. *Ta in útdragen saek komme.*

Dat in spul syn bislach kriget. Wurdt meastal brûkt yn 'e sin, dat it saekje jin dan ôffalt.

587. *Der is gjin salve oan to striken.*

Salve hâldt hûd en woune linich, bringt dus betterskip. Mar der binne ek wounen dêr't gjin sâlve foar helpt. Fig.: Gjin middel baet, de saek giet der oan (en/of) de minske giet de forkearde kant út.

588. *Sân skirret de mage.*

Treastjend tsjin immen dy't mei 't iten hwat sân nei binnen kriget. Ek in úntskuldiging foar in sloarderige hûsfrou.

589. *Sân der oer.*

Dat seit men as men net mear oer de saek (in únoangename) prate wol. Ek: as men dy út leafde bidekke wol.

590. *Hy kin de sang net útsjonge.*

Dy't syn sang goed útsjonge kin, is noatfêst en hat genôch azem. Hy hat to min jild om de saek, dêr't er mei bigoun is, troch to setten, hy komt der net mei op de (winkslike) ein.

591. *Hy hat in bulte noaten op 'e sang.*

Hy hat in hiel bulte op of oan to merken, hy hat in bulte spul. Hy hat gâns to fortellen, dat útdraeit op eigen heechheit en in oar syn lytsens.

592. *Ik sjong gjin twa sangen foar ien duit (sint).*

Ik haw der gjin sin oan twa kear itselde to fortellen. (Forundersteld wurdt, dat troch únachtsumheit it de earste kear net forstien waerd.)

593. *De brij is dêr sangerich.*

Dan is it spul hwat oanbaernd, en smakket it net rjocht. Fig.: Dêr is wolris hwat rûzje.

594. *Dêr is de hiele santepetyk. Ek: sitsewinkel.*

De sizwize komt fan it Frânske Sainte boutique = winkel mei hilligen bylden. It bitsjut alles hwat der oan en om ta biheart.

595. *It jowt op as de sé. (U.F.V.)*

Der komt in hiele bulte fan, eigentlik mear as men forwachtet.

596. *Dat bringt gjin seadden oan 'e dyk.*

Mei sa en sa to hanneljen wurdt der neat bidijd.

597. *Immen op 't sear komme. (U.F.V.)*

Immen yn syn eargefoel oantaeste.

598. *Der sit noch âld sear.* (U.F.V.)

Dér sit noch in âlde woune. Fig.: In âlde wrok. Ek oer ûnrjocht dat jin oandien waerd, hwant dér komt fig. in sear plak fan.

599. *It op in séft sin sette.*

Jin der net mear mei bimuoije, it wark gewurde litte (foarearst mar fan jins plan öfsjen).

600. *It seil heger lâke as de mêt.*

Docht men dat letterlik, dan rekket it spul yn ûnstjûr. Fig.: Tapast op minsken, dy't har útgaven net yn oerienkomst mei har ynkomen bringe.

601. *Dêr kin men net op to seil gean.*

Dêr kin men de koerts net nei nimme. Soks is dus ûnwis foar de takomst.

602. *Mei in opstrutsen seil dêrhinne.*

Gysten, koart en úngemaklik op immen loskomme.

603. *Alle seilen bysette.*

Hwa't alle seilen byset, kin mear wyn opfange, sylt dus safollesto hurder. Fig.: Hy docht alles hwat er kin om ta syn doel to kommen.

604. *Op 'e set komme.*

Op streek komme mei in bipaeld wûrk. Dêr de slach fan krije.

605. *Immen lette en sette.*

Immen tige freonlik bihannelje, as er by jin komt.

606. *Dêr kin men gjin side mei bispinne.*

Dêr sit neat foar jin yn, dêr is gjin winst út to slaen.

607. *Hy hat der alle sier en tier oan dien (en noch wol it spul net groeije).*

Der goed oan dien, dat it tiere soe en it opsiere. Fig.: Immen goeddien, sùnder dat it holp, ek úntankber wûrk.

608. *De silen op 'e hakken nimme.*

Lit men de boerewein efkes stean, dan makket men it hynder los mei de look út 'e keat to lûken. De sile falt dan op 'e groun. Pjukt it hynder nou út, dan kriget er fansels de sile op'e hakken. Fig.: Dien nimme en útnaeijie.

609. *Hy is yn alle silen mak.* (U.F.V.)

Hwer't men it hynder ek foar ynslacht, hy docht evenredich syn wark.  
Fig.: Hy kin him oeral wol oanpassee, hy kin him rounom mei rēdde.

610. *Hy moat altyd in swiere sile lüke.* (U.F.V.)

Hy moat altyd swier arbeidzje.

611. *Net bang fan Sinteklaes wéze.*

Al mei immen him māl optakelje of raer praet útslaen, dēr giet men net foar omlijzen, wurdt men net oars fan.

612. *Dat moat sinke as in stien.*

Foarsizzing oer in saek of húshâlding, dy't troch wanbihear en jildwei-smiten „kopke ûnder“ gean moat.

613. *Hy is bang fan syn eigen skaed.* (Fr.W.)

Ek: Hy sjocht oeral spoeken. Bang fan dingen dy't hielendal gjin kwea dogge, of net iens bisteane.

614. *Ik kin better fan 'e skeaf as fan 'e bân.*

Wurde der fan in skeaf in pear striekes ôfhelle, dan rint dat net yn it each en it let net safolle, mar in pear fan' e bân, dan wurdt sy gâns lichter en de kâns op brekken is safolleso greater. Fig.: Rekket in rikenien in pear goune kwyt, it let net folle, mar in earmen is dēr in hiel ein mei efterút.

615. *It is skearing en ynslach.*

Sizwize oan 't weevjen ûntliend. Fig.: Iderkearen al wer itselde.

616. *It is skerp en heuvel.* (Fr.W.)

It is earmoedich, it komt krap om mei iten en drinken.

617. *Ik ha dy sketten.*

Ik bigryp dyn (fakentiids minne) bidoeling.

618. *Dy't skurf is dy skeukt.*

Dēr't hwat oan miskearret lit dat altyd op 'e iene of oare wize wol fornimmme.

619. *Men moat de skiep skeare nei 't se wolle ha.*

De minsken nei har graed fan wolstân bitelje litte.

620. *In skiepseach op immen smite.* (Fr.W.)

Immen fan tosiden leaf oansjen. Wurdt sein fan in feint dy't sin oan in faem hat en har soks lêze lit yn syn each.

621. *De wâl keart it skip.*

As 't jild op is, moat men ophâlde fan keapjen. Men kin net oer de grizen gean dy't jin steld binne.

622. *Immen yn'e skirre krije.*

Yn'e gelegenheit komme om mei immen ôf to rekkenjen, dêr't men noch in apeltsje mei to skilen hat. Ek immen troch skerbisseine streken fan hwat jild ôfhelpe. Grou bitelje litte.

623. *It is mei de skirre biknipt.*

Alles is presys útrekkene, men kin net mear as safolle útjaen. Yn'e han-nel: der sit net folle winst op.

624. *Op skobberdebonk rinne.*

Skobje = skrânzje, de boel biimmelje, lyk as in houn de bonke. Fig.: Jin der op útlizze om by freonen en goekunde it miel (leafst de oerdiedige kant neist) op to dwaen. Tarre op oarmans bûse.

625. *Op 't skuonmakkersweintsje ride.*

tron, foar: to foet gean. Ek: op 'e bilwein.

626. *De tiid hâldt gjin skoft.*

Hat gjin tiid fan râsten, ophâlden of hippen. It giet altyd troch.

627. *Ik bin op 't lêste skoft.* Ek: yn't jounskoft.

Skoft is in setsje tiid. Fig.: It rint mei my nei de ein, om't ik op jierren kom.

628. *It giet safier as't skonken hat.*

Feitlik sa fier as de skonken it drage kinne. Fig.: It saekje stiet der swakjes foar, de omstannichheden drage it net fier.

629. *It giet der skou troch.*

It giet der māl oanwei, men soe it skouwe, skou wêze (út freze mij).

630. *Dy binne op skrabbersein.* (Fr.W.)

Hja kinne it mei 't jild net mear foarinoar hâlde, hoe't hja ek har bêst dien hawwe.

631. *It is dêr skrabjen om 'e kant.* (V.F.)

Ek: it is skjin op en skraech genôch. Men skrabbet om 'e kant fan' iterspanne om it lêste to krijen. It komt dêr sa krap om dat men it alderlêste biimmelte en noch graech mear ha wol; men kin der komme en it is der ek mei bisteld.

632. *Ut'e skroeven wêze.*

Mei de skroeven wurdit spul fêst draeid. Misso dy der foar wei dan rekket it los. Fig.: los wêze, útlitten (it slacht allinnich op blydschap) towylst de man dy't him sa oanstelt gewoanwei ynbanich is.

633. *It giet oer de hege skuon.*

As men by't hjerst in modderreed lâns komt, moat men goede hege skuon oan hawwe oars sakket men dêr yn in gat wei, dan rint de blabzjin by de skuon yn. As men fig. op in forkeard paed giet hat men alle kâns yn in gat to reitsjen en jinsels geastlik to bismodzjen.

634. *It beart as skuorde klokken.*

In skuorde klok dy't in falsk lûd jowt as er kapot is. Sa komt der in forkeard lûd hoeneear der fig. in barst yn'e forhâlding fan famylje of goekunde úntstien is.

635. *It is altyd fet yn oarmans skûtels.*

Men mient altyd dat in oar folop hat.

636. *Hy hat in slach mei de moalpûde hawn.*

Syn fiif sinnen binne in bytsje bistoud, net rjocht helder mear.

637. *In slach om'e earmtakke hâlde.*

Net rounút jins miening sizze, eigen idé foar letter biwarje.

638. *Hy hat de slach om'e earmtakke.*

Hy hat genôch sînten om fierder stil to libjen.

639. *Hy kin ite as in slatter.*

In slatter is immen dy't in sleat útbaggert. It swiere wurk makket hongerich en in slatter kin der dan ek gâns hwat iten ynslaen.

640. *Men kin oer gjin twa sleatten tagelyk springe. (A. 671)*

Men kin gjin twa dingen tagelyk by de ein hawwe, goed dwaen.

641. *Immen op sleepou hâlde.*

It al mar op'e lange baen skouwe, mei immen it ta gjin útdragene saek komme litte.

642. *Men moat gjin slipperige (ek: sliepende) hounen wekker meitsje. (Fr.W.)*

Minsken dy't net sa noflik binne, fig. wakker bite en gnauwe kinne, moat men as hja net rjocht mei de saken op'e hichte binne, stil gewurde litte en neat sizze.

643. *Hy hat in moaije slinger oan 'e earen krige. (Fr.W.)*

Hy hat in moai kaptaeltsje urven.

644. *Mei in slingerslach hwat dwaen.*

De slingerslach is de biweging fan de slinger fan'e klok. It wol sizze, hastich en sloarderich yn 't wûrk wêze.

645. *Jin net yn 'e slingertûken jaen. (Fr.W.)*

De slingertûken binne de tinne tûkjes, dy't oer't paed hingje. Dy binne lastich as men der lâns wol. Dus: oppasse dat je net yn ûngelegenheit komme.

646. *De slûge soe ek mar hy wie earder dea. (Ek: stoar earder).*

Fan ôfstel komt ornaris ôfstel. Dit wurdit sein tsjin immen dy't al mar „sillen”, om him oan 't forstân to bringen dat it mei „sillen” net klear komt.

647. *Earne slij nei wêze.*

It iene of it-oare item of drinken tige graech meije, sadat men dat altyd foar kar nimt.

648. *It giet oft 't slydjaget.*

Slydjeije docht men op 't iis. It giet hurd fan 'e ein en glêd oer 'e baen.

649. *De houten hammer slypje. (Fr.W.)*

Iron. Jins tiid forluiteje.

650. *It yn 'e smiis (smizen) hawwe.*

It wol bigrepen hawwe, it wol oanfiele kinne (dat der hwat efter stiket).

651. *Der is gjin smiten mei de mûtse nei.*

Men kin de mûts sa fier net smite, dat er op it bigearde plak to lânne komt. Fig.: Men kin net birikke, hwat men jin graech as doel stelle woe.

652. *It is allegearbihâlden smoar.*

Der wurdit neat wei by dy minsken, bynammen by sokken, dy't sûnder in oar ta help to hawwen yn eigen bidriuw arbeidje en gjin wyklean út te kearen hawwe.

653. *Gâns smoar hawwe. (Nei B. 246, 372)*

Greatsk wêze, mei't krop foarút rinne, in hege forbylding fan jinsels hawwe.

654. *It woe gjin smoar sette. Ek: it set gjin smoar. (U.F.V.)*

As in beest fet wurdit seit men: it set smoar. Fig.: Hy kin neat oerhâlde, it bliwt in meager spul.

655. *Alles op haren en snaren sette.*

It oan it uterste ta weagie; it moat bûge of barste.

656. *Dit wurdت in taeije sneed.*

As men meane wol, bynammen in finne, dy't gâns bjarre is, dan seit men: it snijt taei. Fig.: Ik sjoch oankommen, dat it in min warkje wurde sil, dêr't de lea op moat.

657. *Hy hat in sneedsje yn 't ear.*

Dy't in sneedsje yn 't ear krike, hearde oan him ta, dy't dat sneedsje makke. Forl. de vrijwillige slavernij ûnder Israël. Fig.: Hy is in bytsje dronken, is 't eigendom fan Bacchus.

658. *Ien oan it snoer ha. (Fr.W.)*

Fet op immen ha, bynammen slacht dit op in fêste forkearing.

659. *Immen foar't soaltsje hawwe. (Fr.W.)*

Ek: Immen foar't lapke hâlde. Pleagjende wei der yn rinne litte. Ek: mei in foech leagentsje, dat oars wol to formimmen is, immen ta sij fan himsels of in oar meitsje.

660. *In great skip hat in bulte sok. (Fr.W.)*

De sok is de súging fan't wetter efter in skip oan. Fig.: In foarnaem man, of immen, dy't soks mient to wêzen, hat gâns hwat drokte, gâns to sizzen.

661. *De sokken der yersette.*

Sokken draecht men oer de hoazzen yn 'e klompen. Fig.: Oan'e hael gean, de wyk spylje.

662. *Men kin fan balstiennen wol sop siede.*

De saek mei de omballingen wol lekker meitsje.

663. *Net soun oan 'e lever wêze.*

Fig.: Net vrij fan forkearde bidoelings, net suver fan biginsel en dêrtroch hwat skrikkerich, om't it kwea gewisse him oppeneearret; net vrij fan 't kwea dat oer him forteld wurdت.

664. *Spek oan spinnen. (U.F.V.)*

Yn 't foarige waerd der spoun mei de spinwiele. Sa'n spinster fortsjinne gewoanlik net safolle. Hja waerd ek wol mei ytbere waer, in poummanich spek bg. bitelle. Fig.: Ruilje, bitelje mei de pong ticht, it iene oan 't oare.

665. *It brekt him op as trang spek. (U.F.V.)*

Trang of triemlich wurdت it spek as it sâlt der net goed trochlutsen is. As soks jin nei 't iten wer opbrekt, is 't net alles. Fig.: It bikomt him min (mar hy hat it der ek heal en to healle nei makke).

666. *It spek is út 'e woartels. (U.F.V.)*

Woartels yn'e pôt wurde gewoanlik in stik spek yn bisean. Is dat stik hwat lyts útfallen, dan is it gau omparte. Dan kin „mem“ letterlik dit siwwurd tapasse. Fig.: Der hat al in klykje (lekkers of hwat goeds) ynsitten, mar de aep is der út, it minste (mear gewoane) is oerblaun.

667. *As men de rôt (mûs) oan't spek bynt, wol er it net frette. (U.F.V.)*

Dan mient de rôt: hjir stiket hwat efter, in minske kin it sa goed nea mei my foar ha. Dizze sprekwizze is forsêfte ta: Jow immen it by-sündere goed, hy sil dêr net neffens nimme.

668. *De mûzen lizze dêr dea foar de spine. (ek: de kast)*  
It is dêr uterst sober. Wurdt meast in bytsje ironysk sein.

669. *In man, dêr't gjin spyn oansit.*

Spyn is it weake hout flak ûnder 'e bast fan'e beam. Dat kin maklik rotje of mögje. Fig.: Immens sùnder forkeardens, in man út ien (dreech) stik. Immens dêr't men op oan kin.

670. *Dat spint gjin goed jern.*

Dat rint mis, dat komt forkeard. Dêr komt rûzje fan.

671. *In spjelde hat ek in kop. (Salv. M.S. 81)*

Hoe lyts, hoe neatich, elts wol by tiden syn eigen sin trochsette, om't by einsluten, elk ek in eigen idé hat.

672. *Hy is't spoar bjuster.*

It spoar fan dier of minske binne syn fuotleasten, mist men dy dan kin men net fine, hwa't men ha wol. Fig.: Hy is fan'e wize, ek by útwreiding: hy hat alle fiif sinnen net mear byelkoar.

673. *Der in spuontsje únder stekke. (Fr.W.)*

As men in spuontsje hout yn 't fjûr únder tsjettel of pôt stekt, dan rekket de ynhâld safoldesto mear oan 't sieden. Yn fig. sin is 't to redjen om de rûzje oan to stoken.

674. *It jowt gjin sprút. (gjin grevel)*

It jowt neat, sels net in bytsje.

675. *Immen oer'e staech sette. (Fr.W.)*

In staech is in swier tou om de mêt omheech to hâlden. By rêd swinken wurdت it skip oer staech set. Fig.: Men set immen oer staech mei him fan syn stik to bringen mei in unforwachte fraech of opmerking.

676. *Staf oer nacht.* (R & T 309a)

Ek staf en af. Yn ienen, hals oer'e kop, samar, hommels, op it ûnfor-  
tochtste.

677. *It stegejren wurdt djûrder as't mitseljen.* (ek: *it lak wurdt  
djûrder as it brief.*)

De omballingen nimme mear jild en tiid yn bislach as de haedsaek.

678. *Hy is stêds-kyn.*

Immen dy't om forkwisterij ûnder kuratele set is (kyn fan'e stêd).  
Iron. brûkt foar lju, dy't ûnder in oar sitte en sa goed as neat mei yn  
to bringen ha.

679. *In stek falle litte.*

Dat kin by 't breidzjen. Fig.: In misse set bigean, in ûngelokje hawwe.

680. *Der in speldtsje by stekke.*

Der nou mar mei ophâlde, itsij mei it lêzen of mei't wûrk. (moarn mar  
ris wer sjen.)

681. *Myn hoanne sil kening kraeije, al sil de underste stien boppe.*

Ik wol baes bliuwe, al sil 't hiele hûs ek op 'e kop stean.

682. *Hja binne to stoel en to bank.* (U.F.V.)

Hat men de stuollen en de banken to plak, dan kin men se brûke om op  
de rjochte tiid der op to sitten. Dit sizzen brûkt men om oan to jaen  
dat jongelju (of guods dy't forhuzen) har meubels allegearre to plak  
hawwe en har nou mar nei wenjen sette kinne.

683. *Hy hâldt oan as stofrein.* (ek: *stourein*).

Stofrein fornimit men yn't earstoan net sa lyk, mar op 't lêst is men knap  
wiet. Soe de stofrein in persoan wêze, dan soe men sizze: Hja is ta har  
doel kommen. Fig.: Minsken dy't al mar troch prate of jeuzelje om ta  
har doel to kommen; wurdt bynammen fan bern sein dy't b.g. om in  
koekje seure.

684. *De stôk by de doar sette.*

Dan hoecht der net folle foar to fallen of it is fan dek op.

685. *Elk hwat fan'e stokfiskfellen.*

Stokfisk wie yn't foarige gauris earmelju's iten. By in great gesin moast  
hjir ek noch om ompartsjen tocht wurde, dat der gjin ien foarby rekke.  
It slacht nou op it forpartsjen fan snobberij en sa en hat in mear koarts-  
wilige bitsjutting.

686. *Earne (op) stomp rinne.*

Miene dat men by de iene of oare persoan heard (of ret wurde sil, en . . .  
de man is net to brûken of to sprekk'en).

687. *Strange hearen regearje net lang.*

Wurdt faek treastjend sein as it by't winter ful bigint to frieven.

688. *Hy is oer gjin strie to lûken (ek: krijen).* (U.F.V.)

Hy stiet stiif op syn stik, is net fan syn mieming ôf to bringen.

689. *Ik lit my oan gjin strie bine (salang der tou is).*

In strie is net sterk; bisiket men in minske mei it iene of oare to  
bitûmeljen of ûnder'e kwint to krijen, dan moat men komme mei in  
sterk of foldwaende argumint. Ek: Ik lit my fan in lytse tsjinstuit net  
ûntmoedigje.

690. *Mei in striewisp op 't gat rinne.* (B. 498)

In striewisp is in hantsje fol strie. Men boun dat wol fêst oan in wein of  
sa, as men dy to keap hie. Fig.: Fan in widdou dy't yn hâlding en  
klaeijing wol fornimme lit, dat hja wol wer sin oan trouwen hat.

691. *Jins string fêsthâlde.* (Fr.W.)

In string is in diel fan'e sile, dêr't men it hynder mei ynslacht. It wurdt  
sein fan in dreech (ek koppich) persoan, dy't der fêst op stiet, dat syn  
mieming de ienich-wiere wêze moat.

692. *Hy is stringkidelich (kitelich).* (U.F.V.)

As in hynder de stringen oan 'e side fielt en hy kin dat net fele, dan is  
er stringkidelich. Fig.: Immen, dy't net fele kin dat in oar oan him  
komt, immen dy't gau fan him ôf skopt (byt).

693. *Om 'e strûken springe.*

Strûken is gewaeks dat gewoanliken net folle to bitsjutten hat. Dêrom  
hinne springe jowt dan ek in bytsje. Fig.: Ien, dy't net folle docht en al  
yn'e wapens hijt to wêzen, springt om 'e strûken.

694. *Dat strykt as âlde hoassokken.*

Strike wol hjir sizze oerienstimme. Iron. foar eat dat net al to bêst  
meinoar oerienkomt.

695. *Om 'e stûken rinne.* (A. 690)

In stûke wurdt opset fan tolve skeaven, dy't druïje moatte. Foarhinne  
mocht elk, dy't der oanpart oanhie, by de mienskiplike bibouwing fan  
it lân fan elke stûke syn skeaf krie; de earme mocht der om hinne rinne  
mar der net oankomme. Fig.: Der bigearch nei sjen, mar der neat fan  
krie.

696. *Immen op't stuoltje sette.* (Fr.W.)

Dan sit er moai to plak. Fig.: Immen sa nei't sin prate, dat er him by-  
sûnderenoflik fielt. (Dêr rint gewoanliken in bytsje flaeijerij mei ûnder.)

697. *By jins súpe en stút wéze.*

Súpe, yn dit gefal súpenbrij of súpenmoalyn en stuten wie by âlds it jounmiel. Dy't fris tataeste koe wie dus by „syn súpe en stút”. Wurdt sein fan immen dy't mei syn gedachtens der goed by is.

698. *It bloed waerd my súpe.*

Ik waerd tige likk.

699. *It skip mei sûre apels komt oan.*

In grouwe buoï út in donkere hjerstloft.

700. *Immen swart meitsje.*

Dan is er net blank mear. Fig.: Fan immen in bulte forkeards fortelle, dat de minsken tinke dat syn skuldregister fier fan skjin is.

701. *Swart op wyt, dat is prefyt. (Fr.W.)*

Skriflik biwiis oer skuld of in oerienkomst is maklik om rûzje en kosten foar to kommen.

702. *In great swé slaen.*

Ek: „folle swé slaen” of allinne „swé slaen”: in bulte fortoaning meitsje. De sizwize komt fan it meanen. Meand gers leit op swé. Mei in bulte gers komt der in great swé (swier wukr foar de mier). Fig.: Swé slaen slacht op drokte útjaen, dat it hiel hwat liket, mar de kânsen yn him hat, dat it de man dy't it doch, wol ris oermánsk wurdt.

703. *Dér bin ik net swiet oan.*

Dér haw ik net folle sin oan. Dér kom ik daliks net oan ta, om't it, my net noasket, net lekker smakket.

704. *Immen foar 'e swipe ha.*

Oer immen kommandearje, him stjûre hwer't men him hawwe wol.

705. *Ik sjoch it swurk (ek: de loft) al driuwen.*

Men kin in bui wol oankommen sjen. Fig.: Der komt hwat opsetten, dêr't ik net op stean ha, dêr't ik wolris lijen mei krije kin.

706. *Hy sylt net djip.*

Syn forstân is net sa great, hy tinkt net sa djip oer de dingen nei.

# T

707. *Immen op syn tabbert jaen.*

In tabbert waerd eartiids folle droegen. It bitsjut immen helder ôfrânselje.

708. *Hy hat him taei hâlden.*

Hy hat folle trochmakke, al syn krêften ynspond en se dochs bihâlden. Fig.: Neat loslitten, hoe't er ek útkloarke waerd.

709. *Immén in takke to bek sette. (Lex. 50)*

In takke is it útstekkende diel fan in kamwiel. Fig.: Immén, dy't tofolle foaroan of foarút is, mear mei efteren bringe. Ek: in bern op syn plak sette, dat to folle frij nint.

710. *Takocht wéze.*

Der genôch fan hawwe, sadat men net nei mear forlanget. Ek: der mear as genôch fan hawwe.

711. *Dit is myn taks.*

In taks is it bistek oer in wukrje dat men binnen in bipaelde tiid dwaen kin of moat. Ek wol: it diel, dat jin taskat is, of dat jo sels taksearre hiennen.

712. *Men kin wol ienris tsjin in hear tarre.*

Foar in inkelde kear kin in gewoan minske ek wolris safolle jild fortarre as in riken ien it wend is alle dagen to dwaen.

713. *Ik sil der gjin tarring oer sette.*

Dy saek sil ik my net biswierre oer meitsje, dêr gean ik licht oerhinne.

714. *It is mar in tataest.*

In lyts wukrje dat gau klear is.

715. *Hy is dér hikke en tein.*

Hy is der berne en great brocht.

716. *Dat is oare thé (as slokke kofje).*

Better, dreger spul as jo jo foarsteld hienen, hwat mear as sjlochtwei hinne en wer.

717. *Tiid noch komt folle to let. (Salv. M.S. 98)*

Hwa't it him altyd skoan oan tiid doch, om't er mient dat er tiid genôch hat, sil meastentiids noch to let komme.

718. *Dy is út'e tiid.* (B. 373)

Ut 'e tiid wêze is yn letterlike sin: dea, om't hy út dizze tiid fan ûren, dagen en wiken weinommen is. Dit sizzen wurdt brûkt as sa'n soarte fan opluchting: moai, dêr sille wy gjin lést fan ha. Ek wurdt dizze sizwize brûkt om oan to jaen, dat âlde moaden „út'e tiid” binne. De hege hoed byg. is út'e tiid, sjocht men net mear.

719. *Dy jurk, dat jak is efter de tiid.* (Fr.W.)

Sjocht men noch wol, mar is efter de moade.

720. *Hy is goed by de tiid.* (Fr.W.)

Goed mei de saken yn binnen- en bûtenlân op 'e hichte.

721. *Hy (dy't oars wolris heal bisopen is) is nou goed by de tiid, d.w.s. folkslein nochteren.*

722. *Ik bin tsjintwurdich net rjocht by de tiid.* (Fr.W.)

Sahwat tusken soun en siik yn.

723. *Immen nei de ljirre tingje.* (Fr.W.)

Tingje is by't hanneljen bisykje hwat fan'e priis ôf to krijen, de kou foar minder to krijen as der frege wurdt. Ek earne nei stean, in amt of sok-sahwat. Yn dit forbân: earnstich en krêftich mei immen prate om him ta eat to biwegen.

724. *Ut ien lape toarnd wêze.*

Ut it selde laech; ek: fan 't selde soarte.

725. *Immen op 'e tok hâldé.* (A. 906)

Gjin útslach jaen, mar al sa'n soarte hope op'e takomst.

726. *Immen by de tomme (tûme) heine.*

Immen by lytse bytsjes fuorje of hwat takomme litte, net to folle jaen, koart hâldé.

727. *Fan 'e tongrieme snien wêze.* (Fr.W.)

It tongriem is it flueske ûnder 'e tonge, dat soms by bern wol trochsnien wurdt as 't hindert by 't praten. Dus: Ien dy't flink syn wurd dwaen kin oer alles en noch hwat. In glêdde prater (by tiden rom glêd genôch).

728. *Dy faem is fan de tosk.* (B. 483)

To âld om fatsoenlik kâns op in feint to krijen.

729. *It wetter rint der my fan om'e tosken.*

Sa'n sin haw ik der oan (in lekker stikje spek b.g.), sa sjoch ik dêr nei út.

730. *Mei lange tosken ite.*

In bytsje kieskouje. Net ta-ite, mar mei tsjinsin priuwkje.

731. *Hier op'e tosken hawwe.*

Jins miening wol sizze doarre, bynammen as it der om spant. Jins tjochten tsjinoer in oanfaller knap hânhavenje.

732. *Immen de tosken sjen litte.*

In liike houn lukt de lippe op en lit driigend de tosken sjen, foar't er jin oanfalt. Fig.: Toane dat men der ek noch is en as 't wêze moat fan jin ôfbite sil.

733. *Der komt in krinkel yn it tou (yn'e tried).*

Dan giet it net mear rjochtút, mar sit der in slach yn. Fig.: Der komt opûnthalde, bitizing, sadat de saek, dy't men jin foarstelt to dwaen, net sa hot ôfrint, soms mei rûzje der by.

734. *Hy hinget oan in rottich tou.*

As in rottich tou letterlik immens gewicht drage moat, dan is der alle kâns dat it him bijowt en men nei ûnderen tommelt. Fig.: De saken steane min, it giet op it bankroet ta.

735. *Dat kinne gjin touwen hâldé.*

Lett, hwat yn'e touwen hingie moat, kin dêr net fan hâlden wurde. Bidoalde wurdt: hjir binne gjin krêften foar birekkene. Fig.: Sein fan in hûshalding, dêr't it sa nuver trochstrûpt, dat it wol forkeard komme moat, bynammen yn it stik fan de sinteraesje.

736. *It hûs hinget yn touwen.*

Hwat letterlik yn touwen hinget slingeret hinne en wer. Fig.: It hûs is sa yn rep en roer, mei 't oangean fan 'e bern of sa dat „hearr'en en sjen” jin forgiet.

737. *Immen (wol) treast wêze.* (B. 158)

Immen wol ha kinne, itsij mei de hân of mei de mûle, dus sterker, liniger fan lichem en geast wêze.

738. *Hoe hurder it waeit, hoe fêster trêd.*

Trêd is stap. It wol sizze, tsjinstuiten meitsje dat in minske him der noch mear op set om it doel to birikken.

739. *De trêdde man bringt it praet oan.* (B. 563)

As twa minsken by elkoarren binne, wurde de geheimen bisprutsen (dy binne der mar in bytsje), mar de trêdde praet oer alles, en lokket ek ta brede skôgings út.

740. *Hja naem har trekken waer.*

Wist op 'e rjochte tiid har slach to slaen, har foardiel to biheljen, to krijen hwer't se sin oan hie.

741. *It is gin tréwes.* (Fr.W.)

Tréwes is in forbastering fan it Frânske trêve = wapenstilstân. It hat de bitsjutting kriegen fan genot, eat bigearliks, en bitsjut yn de úntkennende foarm, dus: der is neat oan. Ek noch wol: wis dat is tréwes foar my = nei myn bigearste.

742. *Eat yn trewyn bringe.*

Trewyn komt fan ald Frysk triuwena = ûntrou, unrest. It bitsjut eat yn disoarder, yn'e war, fan streek bringe.

743. *Oan in siden tried hingje.*

Hwat oan in siden tried hinget, hat kâns fan fallen. Fig.: fan in saek dy't hommels oer'e kop gean kin.

744. *It is in trieneager.*

As't ien of oare min nei't sin is, kin men der fan bigjinne to skriemen. Ek sa as 't jin ôfdijt. Der sit eat fan spyt yn om't hwat men jin foarsteld hat net útkomt. Ek: in ding dat jin muoit.

745. *Trije is skippersrjocht en ien foar de feint.* (Fr.W.)

Dit sechje stamt ú'te tiid dat fan'e tabak, dy't út Hollân wei yn Fryslân ynfiert waerd, bilesting frege waerd. Eltse skipper mocht foar himsels trije poun hawwe en ien poun foar de feint.

746. *Der is hwat op'e tromme.* (U.F.V.)

Yn 't foarige waerd yn'e stêdden op 'e tromme slein om it iene of oare bikend to meitsjen. Fig.: It nijtsje wurdt algemien bisprutsen.

747. *Dy lju binne op'e tromme.* (U.F.V.)

Dy minsken wurdt oer praet, de algemiene rabberij is der oer los.

748. *Hy stiet by syn wurd as de hazze by de tromme.* (U.F.V.)

Fig.: Hwat er sein hat, dêr stiet er net foar; it is him sa mar wer forgotten hwat er sein hat; men kin net op him oan.

749. *Sa binne wy net trouw.*

Fig.: Sa binne wy it net meiinoar oerien kommen. Dat lei net yn myn bidoeling, doe't wy togearre fan ein gyngen, op soksoarte bitingsten gyng it net (wurdt faken út gekheit sein).

750. *In hurd man op in weak tsiis.*

In helt mei de mûle, mar de died is der net neffens.

751. *Wy kinne ús eigen tsiiskoarsten wol bite.*

Hwat by in oar foar ôffal rekkenrekkene wurdt, ite wy noch lekker op dat wy kinne der gjin gasten by hawwe

752. *Tsjerke en toer moatte midden yn't doarp bliuwe.*

Fig.: de iene moat gjin skea lije ta in oar syn bate (net tofolle easkje en net te min jaen wolle).

753. *Dêr't ús Ljeaven Hear in tsjerke hat, dêr hat de divel in kapelle.*

Bidoeld wurdt: faeks stiet in herberch deun by sa'n godshûs dêr't it de divel slagget om it goede út 'e tsjerke wei to smoaren.

754. *Elkoar yn'e tsjillen ride.*

Beide op itselde gebiet elkoar tsjinwurkje.

755. *Men moat de tsjin (ek: foarop of jint) net to great nimme.* (Fr.W.)

Mei it sleatsjespringen is de tsjin (foarop of jint) de ôfstân tusken pols en wâl, nimt men dy to great dan tommelt men yn'e sleat. Fig.: Men moat de ûndernimming noait sa great meitsje dat men him net útfiere kin.

756. *Hy (of hja) giet yn 'e lange tsjinst.* (Wiers. F.M.J. 7.16)

Hja sille trouwe, en dat giet foar it libben.

757. *It is sa goed sa tsjoed.*

It hat syn foar en tsjin (allebeide likefolle en meitsje dou it nou mar út).

758. *De goede moat it mei de tsjoede úntfilde.*

Bygelyks by opstjitsjes wurdt alle folk fan 'e stritte ôfstjûrd, itsij men oan 't oproer meidien hat of net.

759. *Yn tsjokwaer reitsje.* (Fr.W.)

By tsjok, dampich waer hat men gjin útsjoch, men kin net sa maklik in kant útkomme. Fig.: Yn drokte, yn need reitsje; mei immen yn tsjokwaer reitsje is dat men mei dy persooan gjin kant útkin, der deilis mei wurdt.

760. *Tuike-moai spylje. Ek: tuike-tuike.*

As men de keallen by har drinken hawwe wol, ropt men: tuike! Fig.: Wol men immen ûnder jins bisnijding hawwe, dan lokket men him mei moaije wurden.

761. *Tuike-oan mei immen.* (Fr.W.)

Foarsichtich oan, mei sêfe wurden immen riede en liede.

762. *Yn 't fean komt it net op in turf oan.* (U.F.V.)

Fig.: In ryk man hoecht net sa nau op 'e sinten to sjen. Fan oerfloed kin men wol rij wéze.

763. *Men hoecht gjin turf yn 't fean to bringen.* (U.F.V.)

Fig.: Dêr't genôch is, hoecht men neat hinne to bringen.

# U

764. *Hy is der ûndertroch.*

Hy hat it ien of it oar forkocht foar fierstomin.

765. *Hy kin ûnthalde fan tolve ûre ôf oant middei ta.*

Hy is tige koart fan memoarje.

766. *Elk ding hat syn útfallen.*

Men wit foarút net hoe't in saek bislaen sil, it kin goed, mar ek minder goed ôfrinne.

767. *Hy is to (ek: ta) útkerken kommen.*

Slacht op 't jild: hy is der út, hy is syn kaptaeltsje kwyt.

768. *Wyt kin wol swart útskaeije. (Fr.W.)*

Fromme âlden hawwe soms úndogenske bern. De útkomst foldocht by tiden lang net oan de forwachting.

# W

769. *It jild waeckst my net op'e rêch. (B. 515)*

Ik haw it net foar 't krijen (opskeppen); ik moat der dus sunich mei oan.

770. *Hja litte de flagge frij hwat waeije. (U.F.V.)*

Dér't de flagge waeit is it feest. Hja libje noch al hwat foarnaem. It byld wordt dus oerbrocht op'e lubbenswize. Sa ek: oan 't waeijen fan 'e flagge to sjen, is 't noch al hwat, d.w.s. oan de úthing to sjen bitsjutte dy minsken noch al hwat, sitte hja der goed by (mar oft it ek sa is . . . ?).

771. *Dér is my gâns oer 'e holle waeid.*

Ik haw yn myn libben frij hwat ûnderfoun, hwat alles lang net like noflik wie (lyk as hurd waeijen rampen foroarsaekje kin).

772. *Nou ha wy 't waer noch net hawn. (Fr.W.)*

Nou komme der noch mear buoijen opsetten. Fig.: nou komme der noch mear únoangename dingen los.

773. *Hy spilet moai waer fan in oar syn jild. (U.F.V.)*

Op de ien of oare wize hat er in oar syn jild ynpalme en nou libbet er dér fleurich fan.

774. *It moai waer is op.*

Fig.: De freonskip is yn fijânskip foroare, de gunstling is yn úngenade fallen.

775. *Dy't de waer lekken, makket der gading oan. (Fr.W.)*

Ek: keapet se. Lyk as in keapman, dy't forskate lekken en brekken fan in kou opneamt, bigearte hat om dat stik fé to keapjen, sa giet it faek mei in feint, dy't heal minachtsjend oer in faem praet (faek om syn gedachtens to forbergjen, ek om oars gjin kapers op 'e kust komme to littien) en wilens dochs war docht om har to krijen.

776. *Dou bist sa'n âlde waerûle.*

Slacht op tsjoensters en omrinsters dy't der by nacht en needwear op út wiene; de kweade biwarre har om de minsken yn 't úngelok to bringen. Fig.: Immen, dy't troch alle waer en wyn giet.

777. *Immen fan'e wâl yn 'e sleat helpe. (B. 468)*

Immen mear efterút as foarút helpe troch ûnbikwamens of ek wol mei falskens.

778. *Hy falt mei de hiele wâl yn 'e sleat.*

Hy seit plompwei syn miening, flapt it forkearde der sa mar út.

779. *Immens wâl ophâlde.*

Foar immen opkomme op in manear dat men syn kwea sikut to bidekken.

780. *Mei de hiele wâl útfalle. (V.F.)*

Sizze sa't it jin foar de mûle komt, sadat de persoan dy't it jildt syn goed, mar bynammen syn tsjoed yn net al to makke wurden foar de fuotten smiten wurdt.

781. *De hoarnen yn'e wâl stekke.*

Koppich it ien of oare plan tsjintribje.

782. *Hy yt fan beide wâllen.*

In kou kin soks dwaen, as er midden yn 'e sleat stiet. Gjin partij kieze, mar fan beide partijen foardiel bihelje wolle.

783. *It moat (ek: hy kloetet) by 't wâltsje lâns. (Fr.W.)*

Hy moat him altyd bihelpe, tige sunich wêze om roun to kommen.

784. *Oer immen (mei hoazzen en skuon) hinne wâdzje.*

Docht men soks letterlik, dan krije syn lea derfan. Dan seit men folle forkeards fan him en kin er him net mear fordigenje, om't er „underlizzende partij“ is.

785. *Fan 'e want yn'e tomme reitsje. (Fr.W.)*

Want is de âlde namme foar mof. Yn sa'n want is fatsoenlik romte; op it plak dat foar de tomme ornearre is, fansels lang safolle net. Fig.: Fan'e romte yn 'e krapte komme.

786. *Yn'e wapens wêze.*

Dy't yn'e wapens is, is ré foar de striid. Fig.: Ré, ek wol, dapper dwaende mei it dageliks wurk.

787. *Hy sil de wein yn'e weage menne. (Fr.W. Telt. M.S. 18)*

De weach is de muorre. Yn 'e weach sliepe wol sizze op bêd lizze oan 'e kant fan de muorre. De wein yn'e weage menne: de wein tsjin de muorre oanride. Fig.: Eat út dommens yn 'e war stjûre.

788. *Dat docht my de weelde net.*

It is needsaek, dêr't ik neat mei op ha.

789. *Dit kin gjin wei (ek: kant) út.*

Dit giet hielandal forkeard, dy saek of dy húshâlding wurket mei jild-weismiten himsels yn'e groun.

790. *Immen yn'e wei libje. (U.F.V.)*

Dy oare forlanget nei jins ein.

791. *As de wei sa leit, moat men soks ha. (U.F.V.)*

As fan hegerhân de wei foar jin ornearre is, moat men dêr yn birêste.

792. *Nije weinen wolle wolris kreakje.*

Bidoeld wurdt dat pas troude minsken wolris kiezzebite kinne, om't hja noch yrideren wurde moatte.

793. *Men wurdt mear fan dongkarren oerriden as fan koetsweinen.*

Sizzen dêr't men mei bidoelt, dat legere amtners it jin faek lestiger meitsje as de hegeren. Ek wol yn 't algemien: lju fan legere stân bihan-nele jin minder as de hegeren. Dit sprekwurd wurdt ek faek ú gekheit sein.

794. *It is in stielien wet.*

Sa fêst as stiel, dus in stéfête gewoante.

795. *Hy is ûnder en boppe de wet.*

Hy is noch net rjocht fol of wurdt noch net foar rjocht fol oansjoen; men nimt it mei him net sa nau, it wurdt him alle gear noch net tarekkene.

796. *Dou hoechst hjir de wetten net to stellen.*

Dou hast folselein gjin rjocht op it masterskip hjirre.

797. *Immen yn syn wêzen litte.*

Fig.: Immen mei rêt litte, stil bigean litte.

798. *It gappet wider as it byt.*

Mear poeha as werklikheit; it liket mear as it is.

799. *It kin mäl as it der goed op wierret.*

Wierje slacht yn dit gefal op it waer (oars bitsjut wierje: goed luchtsje). Fig.: As de omstannichheden dêrta meiwurkje of der hwat nei binne, kin 't frjemd gean (wurdt faek geklik sein).

800. *Hy is úngelokkich yn 't wiersissen.*

Wiersissen is it sizzen fan forhoalene dingen (ek fan'e takomst). Is men dêr úngelokkich yn dan bisnijt it jin. Ironysk: wier-sissen is hjir wierheit-sissen = net leagenje. Dy't dêr saneamde úngelokkich yn is leagent (en ek net sunich, siz mar fan mei opset-sin).

801. *Hy is stêdkyn fan 't wiif.*

Dy't kyn = bern fan'e stêd (wie) hie neat oer himsels to sizzen, de hearen bislisten. Bidoeld wurdt dat it wiif oer 'e man to sizzen hat.

802. *Sin en wille kinne folle tille.*

As de dingen jin nei 't sin binne en men kin der wille mei ha, tilt men net sa slim oer de faeks wol swiere omballingen dy't dêr ek mei manke binne.

803. *Foar de winige doar komme.*

Is de doar „winich” dan hat men him leafst sa goed as ticht. Dêr lukt it dan tige. Fig.: Op in plak komme, dêr't it siicht en tige kåld is. Slacht meastal op forsyk dat ôfstegege wurdert.

804. *It is sa wis as de bank. (Fr.W.)*

Bidoeld wurdert de Nederlânske bank, dy't fêst mei syn goudfoarrie de papierútjete dekt.

805. *Ut'e wisse tarre. (ek: fan syn goed libje) (Fr.W.)*

Mar rekkenje dat er genôch is, towylst dat wolris net it gefal wêze kin.

806. *Dêr wol ik de witter net fan wêze. (Fr.W.)*

Ik jow gjin bishissing oer dy saek.

807. *De wite wiven fleane.*

Yn' spoekewrâld kamen ek wite wiven foar. Yn letter tiid kriegen de snieflokken de bineaming fan wite wiven.

808. *Der giet nou in oare wize op'e sang.*

De omstannichheden binne gâns foroare (en wol de forkearde kant út).

809. *De wrâld foar in doedelsek oansjen. (U.F.V.)*

In doedelsek wie in soarte spylark, dus men sjocht de wrâld oan foar in ding fan grappen en muzyk. Fig.: Hy bigrypt de wrâld net om't er noch gjin underfining hat. Ek: syn gedachtens binne yn'e war om't er tofolle drank hawn hat.

810. *Hy seit it mar sa't de wrâld woeksen is. (A. 784)*

Sûnder opsiersels, rjochttút en dan de rûge kant neist.

811. *Dûmnys en pastoaren binne' wriuwpeallen dêr't it rudich fé de hûd oan rost. (Fr.W.)*

Hja wurde fan elkenien bioardiele en bynammen dy't in skurf gewisse ha, hawwe it measte oer har to sizzen en op har oan to merken.

812. *Hy kin in steil wurd dwaen.*

Hy kin wakker opsprekke fan greate dingen.

813. *Myn wurd is myn wet. (B. 2)*

Hwat ik bilooft ha, doch ik, dêr't ik bifel ta jown ha moat trochgean. (Hjir komt de forneamde Fryske styfkop om 't hoekje kypjen).

814. *Hy stiet efter yn 'e wurdze. (Schelt. M.S. 45)*

De wurdze is in stripe byinoar swile hea, dat men yn opers bringe wol, mei foarke of tieme. Fig.: Hy docht it swierste wurt.

815. *It wurt in slinger oan 'e earen jaen.*

In letterlike slinger om 'e earen is in ôfstraffing. Fig.: In slach der nei daen, jin der tige maklik ôfmeitsje.

816. *Sûnder wurt hat men neat. (B. 531)*

Men moet arbeidzie om hwat to fortsjinjen of om hwat ta stân to bringen; it giet net sa mar fansels. Wurdt wol sein tsjin lju dy't leafst mei neatdwaen troch de tiid wolle.

817. *Gjin wurt, gjin huning. (Fr.W.)*

Arbeidet men net, dan rint it ek fêst mei it iten, en hwat lekkers kin men dan foarfêst net krije.

818. *Wy moatte elkoarren yn'e hân wurtje.*

It sa oanlizze dat wy der beide prefyt of gemak fan hawwe.

819. *'t Is in wyldsang mei dy.*

Hwat sjonge en omdideldeintsje en net folle oan 't wurt dwaen.

820. *Hy hat gâns wyn yn'e swipe. (U.F.V.)*

Men seit dat fan immen, dy't opsprekt oer eigen greate dingen; ek: eigen dingen ta greate dingen opblieft; ek: poeha (pehui) útjowt.

821. *Foar de wyn is elk in hurdrider. (U.F.V.)*

Ek fig.: As alles meirint is ider knap. Iron.: As't foar de wyn giet, hâldt elts himsels foar knap.

822. *Hy kriget de wyn fan foaren.*

Hy kriget skerpe forwittings to hearren, dy't him hiel dûdlik sein wurde.

823. *Oars neat as wyn en fearren. (U.F.V.)*

Praetsjes en drokte dat neat to bitsjutten hat.

824. *Witte út hokker hoeke de wyn waeit.*

Bigripe hwat jin to dwaen stiet en hwer't men jin yn foar acht to nimmen hat.

825. *Dy faem hat in bulte wyt yn'e eagen. (Fr.W.)*

Sjocht wol gauris de mânlju skean efternei, sadat it wyt fan har eagen nei foaren komt; is gleon nei in feint.

826. *Hy hat my wyt en swart forwiten. (Fr.W.)*

My sahwat fan alles de skuld jown (en sels myn goede dingen yn in forkeard ljocht steld).

a, aei 5, aeijen 3, âld 2, âlde, amt, apel, apels, azem.

## A.

baerch 3, balstiennen, bargetriennen, bargebiten, bargen, bakker, balken, banneboet, bankje v., bân, beam, beane 3, bêd 2, beest, bern 4, bidler, bidrippe 2,bihâldende, blau blau, bliede, blyn, bislacht, bisliepe, bledtsje, boarst, bocht 2, boekje 2, boek, boer 2, buordtsje 2, boksen, bollekeal, bolwurkjen, brij, bril, bûter 5, byleit, byts.

## B.

dæi, dawet, dea, deun, doar 7, dôfpot, doppen, dracht, dûbeld 2.

## C.

each 6, eagen 3, ear, earen 4, earmslach, earm, earrebarre, eart, Eastfriezen, einfügel, erchje.

## D.

faksen, fâlde, famylje, fearren 2, fear, feech, fel, festje, fet, fiven, fingers 3, finger 3, fin, fioele, fisker, finne, fiskkoppen, fiter, fiterje, fjouweren, fjür 3, fjurren, flaelje, flagge, flesk, flotgérzen, flecht, foarman, foaren, foech, foet 6, fuotsje 2, fuotten 6, folk, folle, fordjippings, forkeapje, forkearde, forwielen, freegjen, frjemd, frosk, fyljekant.

## E.

gaei, gappet, gapstokken, gat 11, gatten, goatsgat, gewelt, goed 3, goedryk, gong, gouden 2, grien, griene, grize, grilke, groede, guod, gûl 5.

## F.

hael, hân 5, hâldt v., hâld 8, hakken 2, hals 3, ham 8, hannen 5, hanwetter, hangizer, hear 2, hearen 3, heine, helter, hert 4, heukerich, hierjier, hierret, hiem, hingjen, hinnen, hikkel, hjouwer, hijtte koallen, hoanne 2, hoantsen, hoarterich, hoasbannen, hoekje, hoeke 2, holte, houn 3, hounen, hynders 3, hûs.

## G.

## I.

iel, ieltsjebyt, iene, iepen, ieren, ieslok, iggen.

## J.

jelne, jild 3.

## K.

kaeijen, kaem, kaert, kammenet, kant 2, kape, kat 3, keallen, keap, kears, kiezzen, kleanskorren, kleaune, kleisykte, klieme, klink, klinne, kloetsje, klokken, klompen, kluten, knap, knepen, knevel, knik, knikt, knikkert, kniper, knipe, knipt, knyptange, knoopje, koaltún, koarte wurden, koart, koarsten, koeke 2, koer 2, kokhalzjen, koker, kompas, koppen, kop 2, kost, kou 2, kouwepaedtsje, kouweeagen, kramfriedden, krêbbe, krie, kriem, krieme, kriich, krije, krimp, krintfet, krippe, kroade 2, kroadtsje, krôdde, krop, krûs, kryt, kuijer, kwint, kij.

## L.

laedtsje, lampe 2, lân 2, lang, lapen, lape, latten, lea 2, leafde, leaver, lead, leadtsjes, leage, lear, leare 2, least, leech, leed, lêste man, lichte, lichten, liet 2, lige, liich, liif 2, liken, line 3, linich, lodde 2, loech, loer, lottet, lucht, lükersaeijen, lumen, luzen 2, lûs 2, lústerfinken, lije, lijer, lije molke, lije side.

## M.

maeije, maeitsen, man 3, manneboet, mannewaer, mânsk, mâl fel, marchhoartsje, master, mealt, mêt, merken, mësken, mest, meuch, midden, mik. moai 2, moaije, moalpûde, moard 2, moarnspraet, modder, moedfearren, moster, mot 3, mouwe, mountsjes, mûle 6, mûlen, mûlyrp, muoilik, müzen.

## N.

nacht, nachts, naeije, narjen. near. nearring, neil, nekke 2, noas 7, nocht, noed 4, noedzje, non, nijjier, nijgers.

## O.

oalje, oan, oarloch, oast, oosten, oates, oerémis, oerhael, om, omslach, opite, oun.

## P.

pap, pankoeket, pels, petiellen, piip, pipe, pinne, pinken, pipermûs, plasse, plichten, plomkebiezems, poartteam, poat 4, poaten, pogge, pod 2, pompen, pompieren, pong 4, prikken, prûl, prûste, pûster, pyk, pylken, pypdop.

R.

ra, rak, ras, reap, reapsein, reau, rēch 7, rēdding, regaed, rein 2, reint,  
rekktent, rekken, rib 2, ribbe, rieders, ridderslein, rieden v., rikefleis,  
rikelju's, rint, rinne, rju, roait, roasje, roer 2, ronge, rook, roskaem, rōt,  
rūch 3, rudich, rük, ruften, rijens, ryk s. 2.

S.

saek, salve, sâñ 2, sang 2, sangen, sangerich, santepetyk, sé, seadden,  
sear 2, sin, sel 3, seilen, set, sette, side, sier, silen 2, sile, sinke, sinteklaen,  
skaed, skaef, skearing, skerp, skeukt, sketten, skiep, skiepseach, skip,  
skjirre 2, skobberdebonk, skuonmakkersweintsje, skoft 2, skonken,  
skou ad., skrabbersein, skrabjen, skroeven, skuon, skuorde klokken,  
skûtels, slach 3, slatter, sleatten, sleepcou, slipperige hounen, slinger,  
slingerslach, slingertüken, slûge, slij, slydaget, slypje, smiis, smiten,  
smoar 3, snaren, sneed, sneedsje, snoer, sok, sokken, sop, soun, spek 4,  
spine, spyn, spint, spjelde, spoar, spuontsje, sprút, staech, staf, stegerjen,  
stêds-kyn, stek, stekke, stien, stoel, stofrein, stôk, stokfiskfellen, stomp,  
strange, strie 2, striewisp, string s., stringkidelich, strûken, strykt,  
stûken, stuoltsje, sûpe en stút, sûpe, sûre apels, swart 2, swé slaen, swiet,  
swipe, swurk, sylt.

T.

tabbert, taei, takke, takocht, taks, tarre v., tarring, tataest, tein, thé,  
tiid 5, tingje, toarnd, tok (Dong.tocht), tomme, tongrieme, tosk,  
tosken 7, tou 2, touwen 2, treast adv., trêd s., trêdde num., trekken s.,  
trewes, trewyn, tried, trieneager, trije, tromme 3, troud, tsiiis, tsiiis-  
koarsten, tsjerke 2, tsjillen, tsjin, tsjinst, tsjoed, tsjokwaer, tuike-moai,  
tuike-oan, turf 2.

U.

ûndertroch, ûnthalde, útfallen, útkerken, útskaeije.

W.

waekst, waeije, waeid, waer 4, waerûle, wâl 5, wallen, waltsje, wâdzje,  
want, wapens, weage s., weelde, wei s., weinen 2, wet 2, wetten, wêze,  
wider, wierret, wiersizzen, wiif, wille, winige doar, wis, wisse, witter,  
wite wiven, wize, wrâld 2, wriuwpeallen, wurd 2, wurdze, wurk 3,  
wurkje, wyldsang, wyn 5, wyt 2.